



Dij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXII, nûmer 3

hjerst 2023

ISSN 2352-8958

Ôfskie drs. Tom Dykstra
as foarsitter
fan de FFU





(1)



(2)



(3)



(4)



(5)

Byskriften:

1. Kommissaris Arno Brok yn petear mei Sytze T. Hiemstra (30 maaie 2023, foto: André Freimuth; sj. s. 6).
2. Drs. Arno Brok oan it wurd by de Opstalsbeam (30 maaie 2023, foto: S.T. Hiemstra; sj. s. 7).
3. De Jongfriezen by de Opstalsbeam te Au(w)erk (30 maaie 2023, foto: JFM; sj. s. 8).
4. Herke Brinkman komt ek op foar it Frysk oan de oare kant fan de grins (Opstalsbeambetinking by Au[w]erk, 30 maaie 2023; foto: S.T. Hiemstra; sj. s. 8).
5. Sijbe Knol jout Fedde Schurerlêzing (19 novimber 2022, foto: 'It Nijs'; sj. s. 10).
6. Swijende demonstraasje fan de Jungfrâiske Mäinskup mei de tekst: 'Praat mar Frysk! Prôt man Ôstfrâisk! Bale Seeltersk! Snaåk Frasch!' (foto: Piter Dykstra by syn tekst op s. 29: 'Neam it Frysk gjin minderheidstaal').



(6)

Ús eigen Taal (44)

Sytze T. Hiemstra

Kronyk fan in Klacht (IV)

As ferfolch op myn kontakten mei de Provinsje (deputearre mr. Sietske Poepjes) oangeande trije taalklachten¹ haw ik my op 13 desimber 2022 ek rjochte ta ús kommissaris fan de Kening, drs. Arno Brok, om omtinken te jaan oan it digitalisearjen en by de tiid bringen fan in Fryske skriuwwizer (oer taalfragen en skriuwproblemen mei in alfabetysk part en in brievepart) foar it taalweb Frysker, mar benammen ek foar it oprjochtsjen fan in **ynter-Frysk kultuerparlemint**. Hjirûnder folgje fandatoangeande inkelde relevante e-post-berjochten en it omtinken foar de ynter-Fryske kontakten yn guon media.

Fersyk om stipe foar it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint oan de Ried fan de Fryske Beweging (19-01-2022)

Kontakten mei de Ried fan de Fryske Beweging

Begjin 2022 hie ik as bestjoerslid en fertsjintwurdiger fan de Fryske Rie yn de Ried fan de Fryske Beweging (RfdFB) myn fersyk om stipe foar it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint ek al ris oan dy lêste organisaasje tastjoerd, mar der waard earst om mear ynformaasje frege. Dy haw ik jûn (e-post d.d. 19-01-2022):

Eala!

Tige tank foar it fersyk om ynformaasje. Der sit oant no ta net folle avensaasje yn. Hooplik kin de Ried der in spuontsje mei ûnder stekke en it foarstel foarlizze oan relevante politike organen by ús en oer de grins yn East-Fryslân (Neder-Saksen) en Noard-Fryslân (Sleeswyk-Holstein). De Fryske Rie kin dat net allinnich en bat op it stuit ek gjin foarsitter.

Der soe in ynter-Fryske tariedingsgroep fan polity en saakkundigen komme moatte dy't dat plan fierder útwurket en stal jout. Ús eigen kommissaris Brok soe dêr in (fer)binende rol by spylje kinne.

*Mei tank en freonlike groetnisse,
Sytze²*

In dei letter (20 jannewaris 2022) wie it antwurd fan de RfdFB der al:

Goeie Sytze,

Tank foar dyn ynformaasje. We hawwe it digitaal yn it bestjoer 'bepreat'. Wy sjogge hjir lykwols net in taak foar de Ried fan de Fryske Beweging yn. Wy sette boppedat fraachtekens by de needsaak fan wer in nij oerkoepeljend orgaan. De kulturele kontakten tusken de trije Fryslannen ferrinne fia de (Ynter-)Fryske Rie en politike kontakten binne der ûnder oare tusken FNP, die Friezen en SSW, en as it nedich is ek út de provinsjale oerheid wei.



Sytze T. Hiemstra

¹ Sjoch foar myn 'Kronyk fan in Klacht' ek *Nij Frisia*, nû. 4, winter 2022, s. 3-8 (diel I), nû. 1, maitiid 2023 (diel II), s. 16-19 en nû. 2, simmer 2023, s. 3-9 (diel III).

² Oan in fersyk fan de RfdFB om fierdere ynformaasje haw ik foldien mei it neikommende: "Om gearwurking tusken de Fryslannen struktureel op makro-nivo (op bestjoerlik mêd) te ferbetterjen (te ferbreedzjen en te ferdjipjen) is it needsaaklik om foar de Fryslannen in (kultuerpolityk) ynter-Frysk orgaan yn it libben te roppen dat regelmjittich byinoar komt (bygelyks ien of twa kear jiers), dat fragen fan mienskiplik belang besprekt en de útkomsten dêrfan nei binnen en bûten bepleitsje kin. Dat soe in soarte fan (Opstalsbeam-)parlemint wurde moatte dat wikseljend yn de trije Fryslannen gearkomt en redendielt, mar it soe ek in fêst plak krije kinne yn (it gebou) fan de Ostfriesische Landschaft yn Auerk (Aurich)."

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 desimber 2023. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra en Ed Knotter.
Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

drs. Piter Dykstra, drs. Tom Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Sijbe Knol, Ed Knotter, Jaap Slager en Tom Wester.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Oane Dijkstra (skathâlder), Sjoerd Groenhof, Jelle de Haan (aspirant lid), Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten, Elske Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

Fan de redaksje

Yn it fjirde part fan de *Kronyk fan in Klacht* meldt Sytze Hiemstra syn striid foar in nije Fryske *Skriuwizzer* en it **kultuerparlemint**. By de *Ried fan de Fryske Beweging* kaam er dêrby foar de winige doar en by de Provinsje krige er wol moaie wurden, mar oant no ta gjin konkrete aksje. Oan ús Kommissaris leit it net, no mar hoopje dat it nije kolleezje fan deputearren minder dreech te rissen wêze sil.

De nijsgjirrige Fedde Schurer-lêzing fan Sijbe Knol fan 19 novimber 2022 is it wurdich om jitriss nei te lêzen. De *somewheres* en *anywheres* binne moaie ikoanen foar it kultuerferskil tusken de âlde globalistyske bestjoerskultuer en it ynsjoch hoe ryk en lokkich oft wy wêze meie mei ús eigen omjouwing, kultuer en folk. No jitte in pear goede Fryske wurden foar dy beide termen.

Fan geef Frysk kin men ek genietsje yn it nije boek fan Pieter Duijff, *Der dy namma fan beten is*. Ed Knotter hat it besprutsen. It makket jin dúdlik hokker skiednis oft der yn plaknammen beskûle leit. Dat is ek taalrykdom!

Foar de tredde kear jout de West-Fries Tom Wester omtinken oan de East-Friezen. Yn dizze jefte reizget er mei syn frou, Gerda Koomen, in tal nijsgjirrige plakken ôf. *It Njys* en de *NRC* hawwe stilstien by it Sealtersk. De lêste krante sels mei in artikel fan twa siden, dêr't wy allinne de earste fan oernommen hawwe.

Tom Dykstra hat it *Masterplan Basisvaardigheden* kritysk trochnoaske en stelt fêst dat it gjin goed antwurd is op de problemen dêr't it foar betocht wie.

Yn in skôging oer 25 jier *Europeesk Hânfêst* krije wy foar it fernul dat oant no ta dat Hânfêst allinne mar troch ús regear brûkt is om ús foar de gek te hâlden.

Dan hawwe wy jitte wat ynstjoerde stikken dy't al yn de kranten stien hawwe en dy't ús net ûntkomme meie, lykas it Opiny-stik fan Sjoerd Groenhof oer de Lelyline, it stikje fan Geart Benedictus yn de *NRC* oer de (ûn-)sichtberens fan it Frysk yn de publike romte. En sa haw iksels nei oanlieding fan in kollum fan Pieter Zijlstra oer de Opstalsbeambetinking en de taspraak fan ús Kommissaris Brok oer *minderheden* oanjûn dat dat in diskriminearjend wurd is en dêrom mijd wurde moat.

Jaap Slager slút ús nûmer ôf mei in leske yn Portugeesk boerelibbenswiisheid en Sytze Hiemstra hat der yn de noaten in leske yn taaleigen oan taheakke.

Genietsje fan de rykdom fan ús taal en brûk dy sels ek.

Piter Dykstra

By de foarside

Ed Knotter (rjochts, skathâlder FFU) langet, mei in tankwurd, yn Itens in presintsje oer by it ôfskie fan drs. Tom Dykstra (lofts) as foarsitter fan de FFU (foto: S.T. Hiemstra, tiisdei 9 augustus 2022).

[ferfolch fan s. 3]

Dêr komt by dat wy as deistich bestjoer fan de Ried genôch om hannen hawwe om foar de Fryske taal en kultuer yn ús eigen Fryslân te striden. Dat sjogge we as ús wichtichste taak. Boppedat sitte we, krekt as mear frijwilligersorganisaasjes, mei fakatueres yn ús bestjoer.

Wy sette ús graach mei oertsjûging en enerzjy yn foar de Fryske taal en kultuer yn Fryslân. Der is wat dat oangiet noch wurk by de rûs.

*Mei freonlike groetnis,
Nynke Beetstra, skriuwer*

In teloarstellend, tige koartsichtich en net al te taktysk formulearre beskje fan de *RfdFB* op in wichtich aksjepunt fan de *Fryske Rie*, in oansletten organisaasje. Ik sil der fierders mar gjin wurden oan smoarch meitsje. De ‘leafde’ kaam dúdlik fan ien kant ...

Dan mar in nij skot weagje by ús kommissaris fan de Kening (e-post 13 desimber 2022):

Fersyk om stipe foar it oprjochtsjen fan in ynter-Frysk kultuerparlemint oan drs. A.A.M. Brok, kommissaris fan de Kening yn Fryslân (13-12-2022)

Ûnderwerp: 1. ‘Mei freonlike groetnis’ op it taalweb; 2. ynter-Frysk kultuerparlemint folgje en stypje

Oan: drs. A.A.M. Brok
Kommissaris fan de Kening
Provinsje Fryslân
Provinsjehûs
LJOUWERT
persoonlijkmederwerkercdkbrok@fryslan.nl

Fan: drs. S.T. Hiemstra
Gerben Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN
0512-518927
ffupost@hotmail.com
sthiemstra@gmail.com

Rju achte kommissaris Brok,

Nei ôfrin fan de presintaasje fan it plaknammeboek fan Pieter Duijff yn Ljouwert³ juster woe ik jins omtinken freegje foar twa saken. Jo joegen my doe de goeried om dat

oer de e-post te dwaan, want jo moasten winliken fuort. Dus no mar lâns dy wei.

Mei deputearre Poepjes haw ik in skoftke lyn in petear hân oer fjouwer (kny)punten. Dêr is in ferslach fan makke en dêr haw ik myn oanfollings op trochjûn oan de provinsje (sjoch hjirûnder, mei kleurmarkearrings).⁴

It giet my no benammen om de punten 2 en 3:

Punt 2 giet oer in by-de-tiid-brochte ferzje fan ‘Mei freonlike groetnis’ fan Rienk de Haan en dy op te nimmen (ynbouwe) yn it taalweb Frysker. Ik haw al yn 1996 omtinken jûn oan dat tige wichtige boekje (skeakel: <http://www.ffu-frl.eu/PDF/Meifreonl.groetnis.1996.pdf>). In skôging yn *It Beaken* (tydskrift fan de Fryske Akademy, jrg. 58, 1996, nû. 4, s. 194-200) oer *Mei freonlike groetnis. Skriuwizzer mei stekwurden en foarbylden* gearstald troch Rienk de Haan (Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy, 1995). It boekje is in wichtige boarne foar it better skriuwen fan it Frysk, lykas de *Schrijfwijzer* fan Jan Renkema dat foar it Hollânsk is.

By de Fryske Akademy haw ik dat fersyk de lêste jierren by trije direkteur-bestjoerders, by dr. H. Van der Velde en taalmeiwurkers as Pieter Duijff en Hindrik Sijens op it aljemint brocht. Allegearre binne se tige posityf, mar it ûntbrekt oan jild en minskkrêft. Dr. Nelleke IJssennagger hie it idee om dan mar in begjin te meitsjen mei in staazerinner, mar dat sil ek net fergees kinne.

Ûnderwiisoplieder Henk Wolf hat krekt sa’n fersyk dien, omdat syn studinten der ferlet fan hawwe en it boekje al lang útferkocht is. It skriuwen fan goede brieven yn geef Frysk is ommers net sa maklik.

Deputearre Poepjes wol der lykwols fierders net efteroan (sjoch ferslach). Myn fersyk oan jo is: kinne jo ek noch wegen fine om dat foarinoar te krijen? Dêr soene jo my, mar fansels benammen it Frysk, tige deugd mei dwaan.

Punt 3 giet oer it oprjochtsjen fan it **ynter-Frysk kultuerparlemint** (Opstalsbeam-parlemint) en dat liket no fan de grûn te kommen, mei tank oan deputearre Poepjes (en faaks ek oan jo stipe!). Ik soe it tige op priis stelle as jo, as tige ferbinende persoan mei in hege poli-

³ Sjoch de skôging fan Ed Knotter dêroer op in oar plak yn dit nûmer fan *Nij Frisia*.

⁴ De kleurmarkearrings binne yn dit nûmer weilitten.

tyk-bestjoerlike funksje yn Fryslân en in protte moreel gesach (ek yn de oare Fryslannen), dat proses mei folgje wolle. En as der yn de takomst tûkelteammen by ûntstean jins ynfloed te brûken om soks wer lyk te striken. Yn hokfoar foarm oft dat kinne soe, dat kinne jo grif sels it bêste besjen. Ik rekkenje winliken op jo, want it sil net altiten like maklik gean.

Alfêst tige tank foar jins omtinken en krewearjen.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,
Sytze T. Hiemstra, Drachten

Tabearke:

Ferslach fan it oerlis mei deputearre Poepjes (mei oanfolgings fan Sytze T. Hiemstra) d.d. 01-09-2022. Oanwêzich: de hear Sytze Hiemstra, Ajla Zildzovic (Tûmba), Jannes van der Velde. Skriuwer: Leo Postma.

Punt 1:

Wat docht de provinsje oan de beliedsfoarming by eksterne organisaasjes oangeande it brûken fan de Fryske taal?

Deputearre Poepjes hat dêr mei de kommissaris fan de Kening Brok oer yn petear west. De provinsje wol nei in protokolêr belied, mar dat is der noch net. Foar de krystdagen sille de deputearre en de kfdK it taalprotokol oppakke yn it oerlis *Mei-inoar foar it Frysk*. De GGD sil dêrby net publyklik oansprutsen wurde nei oanlieding fan de melding fan de hear Hiemstra, dat kin sa'n organisaasje huverje.

Nei oanlieding fan de besite fan de deputearre oan Hongarije ferline jier, by in byienkomst oer minderheidstalen, is wol dúdlik wurden dat wy yn dit tiidrek respektfol omgean moatte mei taalrjochten. De minsken moatte de romte krije harren eigen taal te sprekken, it brûken fan de eigen taal moat ferdigene wurde.

De hear Van der Velde freget wat de ferwachtings binne fan it oerlis *Mei-inoar foar it Frysk*: wat ferwachtet de provinsje en wat kinne de oanwêzigen fan it oerlis fan hjoed ferwachtsje?

De deputearre stelt as doel om in better taalstatút te realisearjen. Van der Velde wol dêr in termyn oan stelle, mar deputearre Poepjes jout oan dat de provinsje dêr de tiid foar nimme wol om in goed en taastber resultaat te boeken, oer rjochten en



Kommissaris Arno Brok (mei reade strik) fertelt Sytze T. Hiemstra (mei pet) dat syn rede by de Opstalsbeam gean sil oer 'ferbining' (30 maaie 2023, foto: André Freimuth).

plichten.

Mefrou Zildzovic stelt út in advysbrief op te stellen foar de GGD.

Dat sil de twadde stap wurde nei it oerlis *Mei-inoar foar it Frysk*, sa'n advysbrief wurdt net yn 't foar stjoerd. De útkomst fan dat oerlis sil trochjûn wurde oan de oanwêzigen fan hjoed.

Oanfolging Sytze T. Hiemstra:

Taalprotokollen soene harren net allinnich beheine moatte ta it mûnling brûken fan it Frysk fan partijen, mar ek it skriftlik brûken fan it Frysk, net allinnich folgjend, mar ek aktyf troch de organisaasje sels, sadat der op it taalmêd échte lykberjochting en lykweardigens ûntstiet (rjochten en plichten en gefolgen foar it net neikommen dêrfan). Mar faaks wie/is dat ek de bedoeling en is myn opmerking sadwaande oerstallich.

Punt 2:

De hear Hiemstra soe graach wolle dat it boekje 'Mei freonlike groetnis – skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden' fan Rienk de Haan op 'en nij, mei jild fan de provinsje, útbrocht wurdt. Hiemstra hat ek kontakt hân mei de Fryske Akademy om de ynhâld fan dat boekje opnimme te litten op Frysker.nl. De FA hat oan-



Drs. Arno Brok oan it wurd oer 'Lit ús omtinken foar inoar ha en inoar ynspirearje' by de Opstalsbeam (30 maaie 2023, foto: S.T. Hiemstra).

jûn dat wol dwaan te wollen, mar der is gjin jild, personiel en de technyk om it foarmekoar te krijen.

De deputearre wol hjir net op rinne en docht dan ek gjin tasizzing om hjir wat mei te dwaan. Guon ûnderdielen út it boekje kinne wol brûkt wurde yn de *Opfrysker* op it provinsjale yntranet.

Oanfolling Sytze T. Hiemstra:

It is fansels goed dat der op it provinsjale yntranet aanst wat oan dien wurdt. It gie en giet my der lykwols benammen om dat it 'boekje' ynhâldlik by de tiid brocht wurdt en dan opnommen yn it *Taalweb/Frysker*, sadat eltsenien op 'e wrâld, dus ek net-amtners lykas sjoernalisten, studinten (winsk fan oplieders as Henk Wolf) en oare skriuwers soks digitaal rieplachtsje en bestudearje kinne en har faak tige breklik 'Frysk' ferbetterje mei help fan modellen, taalregels en relevant taaleigen. In nije printinge fan it boekje is dan oerstallich.

Ferl. ek myn skôging yn *It Beaken* (tydskrift fan de *Fryske Akademy*, jrg. 58, 1996, nû. 4, s. 194-200) oer *Mei freonlike groetnis. Skriuwwijzer mei stekwurden en foarbylden* gearstald troch Rienk de Haan (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 1995). It boekje is in wichtige boarne foar it better skriuwen fan it Frysk, lykas de *Schrijfwijzer* fan Jan Renkema dat foar it Hollânsk is. Klik op: [STH96-Mei freonlike groetnis.pdf](#).

It is dus foar my teloarstellend dat de deputearre dêr net 'op rinne wol' en sa in stipe wêze kin foar dr. IJssennagger fan de Fryske Akademy en meiwurkers, dy't har bêst

wol dwaan wolle en gjin technyske beswieren sjogge. It is allinnich it tekoart oan mankrêft, want Pieter Duijff en Hindrik Sijens binne op it stuit al drok besteld. In staaizerinner/staaizerinster soe neffens de direkturbestjoerder in begjin meitsje kinne, mar dan wol ûnder goede begelieding (persoanlike meidieling op Hilgelân koartlyn). It is dan benammen in kwestje fan sinten. Myn hope is dus dat de deputearre har betinkt en aanst dochs stipe jaan wol oan it plan.

Punt 3:

De hear Hiemstra sjocht graach dat politisy út de trije Fryslannen wer op makronivo oerlizze en gearwurkje sille yn it ramt fan de ynter-Fryske gearwurking.

De deputearre seit dat in ynter-Frysk parlemint wol passe soe yn it nije bestjoersakkoart. Sy sil it fia har eigen partij rinne litte en sil guon minsken wat ûnder de earm meijaan.

Oanfolling Sytze T. Hiemstra:

Ik bin wiis mei de tasizzing, want de saak sleept al lang en wurdt hieltiten urginter. De *Fryske Rie* (ik sit der sûnt 2006 yn en gean ein fan dit jier ôf) moat him op syn takomst beriede en kin op mikronivo as frijwilligersorganisaasje lang net alles mear oan. In ynter-Fryske wurkgroep of in soarte fan 'task force' op makronivo soe in begjin meitsje kinne en komme mei in advys oan of organisaasjemodel fan in *Opstalsbeamparlemint* foar de trije Fryslannen. Tûke tinkers dêr't ik de saak by op it aljemint brocht haw en ek posityf binne: dr. IJssennagger (FA), dr. Han Nijdam (FA en Fryske Rie), Arno Ul-



De Jongfriezen litte ús witte dat de 'eigen' talen folle mear brûkt wurde moatte yn de taspraken by de Opstalsbeam te Au(w)erk (30 maaie 2023, foto: JFM).

richs (boargemaster yn East-Fryslân en aktyf yn de ynter-Fryske Rie), Wolter Jetten (East-Fryslân en aktyf yn de Jungfräiske Mäinskup dêre). Yn Noard-Fryslân haw ik it plan in skoft lyn op it rabat brocht by dr. Chr. G. Schmidt (direkteur Nordfriisk Instituut) en Thede Boysen (Referent und Projektgruppenleiter bei Ministerium für Arbeit, Verkehr und Technologie. Ministerium für Wirtschaft, Verkehr Arbeit, en aktyf yn de Fryske Beweging dêre). Der binne grif mear saakkundige lju te finen.

Neibrâner:

De hear Van der Velde soe graach wolle dat der tabetingsten komme by subsydzje-oanfragen foar benammen organisaasjes dy't it Fryske better útdrage moatte. Mei dy stôk efter de doar soene organisaasjes en ynstellings earder it Frysk brûke.

De deputearre jout oan dat it Kolleezje dêr net ienriedich yn stiet en dat it dreech is om der ien line yn te krijen.

Opmerking Sytze T. Hiemstra:

It is spitich dat soks yn it hjoeddeistige Kolleezje sa swier keallet by sokke saken. Ik winskje de deputearre alle sterkte ta om noch wat foarinoar te krijen. En oars is it wachtsjen (wer) op takomstige nije politike ferhâldings mei partijen dy't wol de maatregels nimme wolle dy't needsaaklik binne op dat mêd, lykas Van der Velde ek oanjûn hat. De tiden sille op dat stik anst grif feroarje.

Ôfspraken:

- De subsydzjebetingsten fan de provinsje Fryslân earst diele mei de deputearre, dêrnei mei de hear Van der Velde
- Oan de hear Hiemstra e-mailadressen stjoere fan it Steatekomitee en it Kolleezje

- De útkomst fan it oerlis *Mei-inoar foar it Frysk* diele mei de oanwêzigen fan dit oerlis
- In nij oerlis ynplanne yn desimber⁵

Hoe gie it fierder?

In skriftlike reaksje fan ús kommissaris hat der net west, mar op tiisdei 30 maaie 2023 (op de 'tredde Pinksterdei'), de dei dat fanâlds by de Opstalsbeam (Âldfrysk: Upstallesbâm) yn Auwerk (East-Fryslân/Ostfriesland) de Friezen út de Fryske lannen byinoar kamen, hat er dêr wol sprutsen. Al yn de tolfde iuw kamen dêr de rjochters en oare heech oanskreaune ôffurdigen, om rjocht te sprekken yn skelen dy't te grut wiene om binnen de eigen rjochtsgebieten út te iten, om ôfspraken te meitsjen tusken de gebieten ûnderling en by need om de Fryske Frijeheid te ferdigenjen. Oer hoe't se inoar stypje koene en soene as der driging en oanfal fan bûtenôf wie. It wie dit jier krekt 700 jier lyn dat de 'Willekeuren' fan de Opstalsboom oannommen waarden. Suver wat in kroanjier dus.

Kommissaris Brok spriek foar in part yn it Dútsk, mar ek in kearmannich wiidweidich yn it Frysk en foaral foar it Frysk. Hy wol en sil mei de fûst op 'e tafel slaan as it giet om de lykweardige behanneling fan it Frysk yn Nederlân en om de lykweardige behanneling fan alle talen, nettsjinsteande it tal sprekkers en skriuwers, yn Europa. Hy wol dêryn ek nauwere gearwurking sykje mei de East- en Noard-Friezen. De harkers klapten fûl, it foel deryn as in preek yn in âlderling. It is te hoopjen dat de resultaten fan syn ideeën mei gauwens sichtber en hearber wurde.⁶



Us eigen Seye Herke Brinkman komt ek op foar it Frysk oan de oare kant fan de grins (Opstalsbeambetinking by Au[w]erk, 30 maaie 2023; foto: S.T. Hiemstra).

⁵ De measte taal- en staveringsflaters yn it provinsjaal ferslach (taheakke) haw ik foar dit nûmer fan *Nij Frisia* ferbettere.

Oan Brok syn taspraak is, útsein op 'It Nijs' fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, ek omtinken jûn yn de *Emder Zeitung* (tongersdei 1 juny 2023), *Trouw* (sneon 3 juny 2023, s. 11) en folslein yn it Frysk ôfprinte yn de *Ljouwerter Krante* (LC, sneon 10 juny 2023, s. 18, 19).

Pieter Zijlstra: 'De Upstalbeam en de East-Friezen'

Pieter Zijlstra joech dêr ek noch omtinken oan yn syn kollum GYSBERT 'De Upstalbeam en de East-Friezen' (LC, freed 9 juny 2023, s. 28, cultuur & media). Zijlstra siet ek yn de bus nei de betinking en dan docht wer bliken dat der yn de takomst systematysker wurke wurde moat oan de fersprieding fan de kennis oer alle Fryslannen. Ik helje inkelde alinea's fan him oan:

"Nei de betinking barde it nijsgjirrichste fan de hiele reis. Ik seach kâns om mei wat East-Fryske jongerein te praten. Sy praten East-Frysk tsjin my. Ik prate myn Frysk werom, en wy koenen inoar ferrassend goed festean. Ien fan harren, Onno, fertelde my dat it der min foar stiet mei it East-Frysk, mar dat er it no syn soantsje noch bybringt. It wie ien fan de keardels dy't earder in buordsje beechholden hie mei 'Prõt man Östfräisk! Ik fûn dat in bysûndere ûnderfining.

Doe't ik my thús lykwols wat mear ynlies, kaam ik derefter dat Onno net in oar soart Frysk praten hie, mar in fariant fan it Nederdútsk: It East-Frysk Plat. It Plat hat al iuwen lyn de oarspronklike Fryske taal út East-Fryslân ferdreaun. Wylst it foar it gemak faak East-Frysk neamd wurdt. It is dus net in Fryske taal.

Ús regio's binne al iuwenlang net mear ferbûn op grûn fan in mienskiplike Fryske taalgroep. Dochs libbet der by de East-Friezen noch altiten in besef dúdlik 'oars' te wêzen – of op syn minst west te hawwen. Harren gefoel fan ferbûnens mei Fryslân komt foaral trochdat se noch witte dat der in mienskiplike skiednis is. De Upstalbeam tsjûget dêr noch fan."

Taspraak fan kommissaris fan de Kening, Arno Brok (yn: LC, sneon 10 juny 2023)

Ik helje dêr wer inkelde foar ús doel meast relevante parten út oan:

"Ynfloeden fan bûtenôf binne fan alle tiden. Faak binne dy posityf as it giet om nije ûntwikkelingen, mar soms ek nuodlik. Sa ha ús talen te lijen fan de druk fan mearderheidstalen. [...]

Ek foar it Sealterfrysk wurdt besjoen hoe't de taaloerdracht en sichtberens stimulearre wurde kinne. Datselde

jildt foar it Noard-Frysk. Wy spanne ús allegear op ferlykbere wize yn. It soe dochs gjin raar idee wêze as wy net allegearre besochten om it tsjil op 'e nij út te finen, mar mei-inoar betochten hoe't wy dat tsjil trochrôle litte kinne. [...]

Op it mêd fan taalbelied en -planning is de provinsje Fryslân lid fan de NPLD⁷, dy't as doel hat om mear bekendheid te jaan oan it ferskaat fan talen yn Europa en, om it mar yn geef Frysk te sizzen, om 'best-practices' út te wikseljen. Dêrom wolle wy ek mei klam mear ynvestearje yn de kontakten mei oare regio's mei taalpluriformiteit. Bygelyks it Letschenburgisch en it Faeroënsk ensafuorthinne ... It oare jier wol ik fierder mei it lizzen fan kontakten en besiten. Al dy gearwurking blykt suksesfol en wat de provinsje Fryslân oanbelanget soe kulturele gearwurking op it mêd fan it Frysk tige weardefol wêze om it brûken en de beskerming fan de Fryske taal te fergrutsjen.

De Steaten fan Fryslân hawwe har al posityf útsprutsen oer in mooglike ynter-Fryske gearwurking. Dy gearwurking soe net allinnich goed wêze as it om taalkwestjes giet, mar ek mei it each op al dat oare dat ús bynt."

En sa is it, dus no mar ôfwachtsje. **De gong moat deryn!**

⁶ Út in ferslach op *It Nijs*, '[In busfol Friezen nei de Upstalsboom](#)' (d.d. 2 juny 2023): In busfol Friezen nei de Upstalsboom | It Nijs en fan de East-Fryske *Jungfräiske Mäinskup* dy't mei de *Jongfryske Mienskip* út ús Fryslân in busreis organisearre nei de moeting, dêr't sa'n 50 minsken út Westerlauwersk Fryslân oan meidienen. De JFM hat der, mei rjocht, tsjin protestearre dat de taspraken dêr ornaris altiten yn it Dútsk holden wurde en net yn de Fryske talen of it Platdútsk (Östfräisk): "Güster bī d' Upstalsbōm wassent ök lēden fan d' JFM Öst und West manken. T'hōp mit dāi westfräisk JFM hār dāi östfräisk JFM 'n bus orgóónisæart hat, dāi rügwegē 50 lüü üt Westfräisland nóó d' Upstalsbōm tau brocht hār. Spitelkerwis wordent dāi räiden bī d' Upstalsbōm altid up Düütsk hollen. Dat finnent wī överhōp näit pās. Bī fräisk feranstaltens maut mēr Nörd-, Öst-, Sóóter- of Westfräisk prōt't worden! Düs hebbent wī t'hōp mit dāi JFM West 'n lütje stiel prōtest inisjæart. Up dat bild is us föörstand mit dāi aksjesgiller t' säin."

Klik ek ris op: [Jungfräiske Mäinskup](#) en [pootreSsdn 5y14 9c0nchhmm ou0t1a9m2aj1fli85f:h78uc1 191518f78](#)

⁷ NPLD: *Network to Promote Linguistic Diversity*, in Europeesk netwurk dat him dwaande hâldt mei taalbelied en -planning foar konstitúsionele, regionale en lytse steatstalen yn hiel Europa.

Sijbe Knol: Fryske Oanpak foar in Bettere Takomst (Fedde Schurerlêzing, 19 novimber 2022, Tresoar, Ljouwert)



Sijbe Knol: wy kinne better ynvestearje yn ús eigen Fryske ynfrastruktuer en mienskip (foto: 'It Nijs').

Fedde Schurerlêzings

*De Fedde Schurerlêzing is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging yn gearwurking mei Tresoar, de Fryske Akademy en de Ljouwerter Krante. Ynhâldlik wurdt strjibe nei in syklus fan ûnderwerpen dy't te krijen hawwe mei Fryslân en it libben en wurk fan Fedde Schurer: polityk, ûnderwiis, sjoernalistyk, poëzy, it Frysk, Fryslân en teology. Yn de lêzingen wurdt safolle mooglik de Fryske aktualiteit behelle. Dizze kear wie it tema: **Romtlike Oardering**.¹*

Behalven Sijbe Knol syn bydrage oer 'Wurkje, wenje, wyn: wat moat wêr yn Fryslân?' wiene oer dat ûnderwerp ek foardrachten fan Francesco Veenstra en Avine Fokkens-Kelder.² Sijbe Knol, Steatelid foar de FNP (en ek JFM-lid), wie fan betinken dat de plannen fan Fokkens gjin goede takomstfyzje sjen litte. It jild foar de Lelyline kinne we better ynvestearje yn eigen Fryske ynfrastruktuer en de mienskip yn Fryslân. Wy hawwe hjir genôch fearkrêft om ússels te rêden. Wy moatte ús net rjochtsje op de Rânested, wy binne ûnderdiel fan in grutter Europa.

¹ De lêzings wurde sûnt 2011 holden en op 27 nov. 2021 hat Abe de Vries (ek JFM-lid), doe't betocht waard dat Kneppelfreed 70 jier lyn wie, yn *De Koperen Tuin* (Ljouwert) op 'e tekst west oer: **Kneppelfreed: aktualiteit of Fryske folkloare?** Abe de Vries syn lêzing stiet ek yn *Nij Frisia*: nû. 1, maitiid 2022, s. 19-22 (diel I) en nû. 2, simmer 2022, s. 29-31 (diel II).

² Francesco Veenstra, Ryksboumaster, fertelde oer it meitsjen fan plannen foar de takomst fan Nederlân. Kernpunt fan syn ferhaal wie dat de fokus fan dy plannen net lizze moat op jiertallen, mar op de hichte fan de seespegel en rekken hâlde moat mei boaiem en wetterkwaliteit. Alles wat wy no dogge, hat oer hûndert jier ynfloed. Dêr moatte wy de tiid foar nimme. Transysjes kostje tiid.

Avine Fokkens-Kelder, deputearre fan Ferkear en Ferfier, Romtlike Oardering en Ynfrastruktuer, liet ús witte dat de Lelyline der komme moat. De treinlinen dy't we no yn Fryslân hawwe, datearje út de tiid dat Abraham Lincoln presidint fan Amearika wie. Benammen de line Meppel-Ljouwert kin it ferkear net mear oan. Wy binne út Rotterdam wei earder yn Parys as yn Ljouwert. In bettere treinferbining is neffens har fan belang om ús bern in goede takomst te jaan.

De Fryske oanpak: Foar in bettere takomst. Ta-spraak fan FNP-fraksjefoarsitter Sijbe Knol by de Fedde Schurer-lêzing op 19 novimber 2022 (Tresoar, Ljouwert)

Middei dames en hearen,
Moai dat de seal sa fol sit. Tank oan de organisearjende en belutsen organisaasjes. Ek in wurd fan tank oan *Tresoar* dat wy hjir yn dizze prachtige romte telâne kinne.

It is bysûnder om hjoed sprekke te meien op de Fedde Schurer-lêzing. Op de kop ôf 71 jier nei Kneppelfreed. De dei dat der in wichtich fûnemint foar de Fryske taal ôftwongen waard. Dat ik hjoed-de-dei oeral yn ús provinsje myn taal, de taal fan it hert, dêr't ik yn tink, dream, praat en de leafde fûn, brûke kin, sjoch ik as in direkt útfloeisel fan de striid dy't op en nei 16 novimber 1951 west hat. Mar it bliuwt in striid dy't noch hieltyd omtinken fertsjinnet.

Wa't hjoed stevige *onliners* fan in *hardliner* ferwachtet, sil ik teloarstelle moatte. It wurdt tiid foar in ferhaal op de ynhâld en dêr is dit neffens my by útstek it plak foar. Fansels nimme wy ôfskied fan grutte wurden as *Delta-plan voor het Noorden* en *Lelylijn*, mar ik wol jo graach meinimme yn it ûnderlizzende ferhaal fan it ôfskied. Sjoch it as in grêfrede foar it Haachske koartetermyntinken en in waarm pleit foar de takomstfyzje dy't Fryslân fertsjinnet yn ien. De nammen *Delta-plan voor het Noorden* en *Lelylijn* steane no krekt it iepen debat oer dy takomst fan ús provinsje yn de wei.

Dat moat in debat yn de folle breedte wêze. Wêr't wy nei ta wolle soe yn it foarste plak in fraach oan de ynwenners sels wêze moatte. Politisy en bestjoerders kinne of moatte eins de dilemma's sketse, mar net oer de hollen fan ús ynwenners in blaudruk oplizze. Der is yn ús provinsje ek alle romte foar om ús mienskip wol goed mei te nimmen.

Yn Fryslân wurdt fanâlds oeral en op alle mooglike wizen gearwurke. Koöperaasjes en oare gearwurkingsferbannen binne der lyts en grut, doarpsbelangen en wykferstjintwurdigingen helpe ús ynwenners om dingen te berikken, der binne foar fan alles en noch wat ferieningen en stiftingen dy't it realisearjen fan de winsken fan ús mienskip mooglik meitsje, der is in hiele warbere mienskip. Foardat ik yngean op wêrom't wy in *nij startpunt* nedich hawwe, jou ik graach in skets fan hoe't dat no allegearre rûn is yn de ôfrûne pear jier.

Skaalsprong

It wie noch yn de hjerst fan 2020, yn de oanrin fan de Twadde Keamer-ferkiezingen in pear moanne letter. It CDA-Keamerlid Amhaouch kaam doe mei in moasje dy't de regearing oantrune om *'in samenwerking met de vier noordelijke provincies een deltaplan van en voor het Noorden op te stellen [...] om de bereikbaarheid en het wonen en werken in het Noorden te stimuleren, waarbij de Lelylijn een belangrijk onderdeel is'*, mei de konstatearing dat *'een deltaplan voor en van het Noorden bijdraagt aan het toekomstig groeivermogen van Nederland'*, en de oerwagingen dat *'de Lelylijn de vier noordelijke provincies in staat stelt een schaalessprong te maken voor een goede bereikbaarheid' en 'de koppeling met de grote woningbouwopgave van 100.000+-woningen positief bijdraagt aan de haalbaarheid en als een economische katalysator werkt.'*

In skaalsprong dus. In keppeling oan mear as 100.000 wenningen dy't de oanlis fan de spoarline mooglik makket en wurkje sil as in ekonomyske katalysator. Dat binne de pylders ûnder it *Delta-plan voor het Noorden*.

Mei de ferkiezingen foar de doar seagen lanlike politisy in kâns om út har wize fan tinken wei ek it noarden te betsjinjen. Oer it algemien wiene se tige posityf oer it *Delta-plan voor het Noorden*. Provinsjebestjoerders fan Grinslân, Drinte, Flevolân en Fryslân rûnen foarop en begearich nei lanlike jilden dienen se flot in oanbod om 220.000 wenten ekstra by te bouwen yn *'Noordelijk Nederland'*. Noardlik Nederlân – is dat in nije bestjoerlike regio? In hiel skoft letter lei der in nij regearakkoart. Der waard trije miljard euro reservearre troch Rutte IV om op termyn de Lelyline oan te lizzen. Mei as betingst dat der ek jild komt út de regio en út Europeeske fûnsen. Sûnt dy tiid binne der withoefolle artikels en opynys yn de Fryske kranten ferskynd. Politike partijen hawwe stelling nommen oer it *Delta-plan voor het Noorden*, net yn it lêste plak myn eigen FNP.

Mar wêr giet it no allegearre einliks om? Wa't útzoomt nei it basisidee efter it *Delta-plan* en dêrnei ynzoomt op de ûnderbouwing fynt de yngrediïnten foar dy skaalsprong yn in tsjokke steapel rapporten, prognoazes en in soad sifers. Wat stiet dêr dan yn? No, foarsjenningen binne net mear yn stân te hâlden, tsjinsten lûke fuort, de befolking fan Fryslân hat te kampen mei dûbelde fergrizing: de minsken wurde âlder en der binne hieltyd mear âldere minsken, it ynkommen is yn trochsneed in stik leger by ús en ús opliedingsnivo sit ûnder it lanlik gemiddelde.

Der is foar tsientallen miljarden út de gasfjilden ûnder ús fuotten weihelle. De opbringsten binne meastentiids net by ús ynvestearre. Nederlân hat ferlet fan in soad nije wenningen en mar in bytsje frije romte. Dêrneist is der in lange rige útdagingen dy't ek in soad romte freegje: klimaatoanpassing, it duorsum meitsjen fan de enerzjy, de lânbou, it wetterbehear en nije bedriuwen en yndustry. Minister Hugo de Jonge wol 900.000 wenningen yn Nederlân bouwe. Der is in striid om de romte geande. Op grûn fan de sifers soene nije ynvestearrings yn Nederlân dan moai yn 'Noordelijk Nederland' kinne, dochts? Dêr is ommers relatyf de measte frije romte, foar de leechste priis? En as der mear 'reuring' komt, mear minsken komme, mear bedriuwen, dan blykt sifermjittich dat de foarsjenningen makliker oerein bliuwe kinne. It is ek wolris tiid dat De Haach wat mear nei Fryslân, Grinslân en Drinte omsjocht. Effisjint, earlik en oantoand troch spreadsheetberekkeningen. Oernaam troch bestjoerders en politisy dy't graach oan EXCEL-polityk dogge.

De Fryske paradoks

Wa't mei in dwerse blik en fan in bytsje mear ôfstân sjocht, kin himsels de fraach stelle oft wol alle aspekten meinaam binne? Hawwe de foarstanners fan it 'Deltaplan voor het Noorden' miskien in pear hiele wichtige dingen fergetten? Bliuwt de argumintaasje fan de foarstanners dan noch wol oerein? Want wêr is it aspekt fan de saneamde *brede wolfeart* oant no ta yn de diskusje oan bar kaam? Yn it ferfolch fan myn betooch sil ik dêr op yngean.

'Je hoeft hier niet vanaf je zestiende rendabel te zijn.' Yn maaie fan dit jier stie der in stik yn de *Groene Amsterdammer* oer de Fryske paradoks. Dêr sille jimme yntusken alle gearre bekend mei wêze. Friezen hearre by de lokkichste ynweners fan Nederlân, mar op oare listkes skoare wy wat minder, foaral as dy ferbân hâlde mei sosjaal-ekonomyske saken. Wêrom?

It wichtichste foar de positive beoardieling is de libbenskwaliteit yn ús provinsje. De romte, de taal en kultuer en de relatyf sûne libbensomstannichheden.

It tinken oer de takomst fan it lân is oan it feroarjen. Sitat: *'Is het niet zaak om juist te investeren in de sterke punten van Fryslân in plaats van de zwakke punten te bestrijden?'* Dat sei professor Marijn Molema, dy't wurket by it Frysk Sosjaal Planburo en by de Universiteit fan Grins. Foar guon minsken wie dat flokken yn 'e tsjerke, mar foar oaren in aha-erlebnis. In mindere finansjeel-ekonomyske situaasje hat net automatysk in

minder noflik libben as gefolch. Modernisearring, yndustrialisearring en ferstedsking drage net automatysk by oan in grutter gefoel fan lok. Sterker noch: wa't sjocht nei de problemen fan de grutte stêden, kin tsjintwurdich ek de fraach stelle oft wy de grinzen net al lang berikt hawwe. Of meitsje dat grutstedske tinken en it oanjeien fan finansjeel-ekonomyske maksimalisaasje diel út fan in fallyt systeem, dat mear kwea as goed docht? Wa't de útgongspunten fan it *Deltaplan voor het Noorden* by dy mjitlatte del leit, sjocht in belangekonflikt ûntstean.

Fryslân hat oer het algemien in soad mbû-oplate jongeren. Sa'n 70% fan de ynweners komt op de arbeidsmerk mei in mbû-diploma yn 'e bûse. It persintaazje hbû'ers en universitêr oplate jongeren is leger as yn oare provinsjes, mar is dat slim? Yn Fryslân wurkje de measte minsken yn in straal fan 15 kilometer fan har wurkplak. It grutste part fan de mobiliteit is dus binnen de regio. De diskusje oer in trein nei de Rânestêd en de rest fan Europa giet oan dy minsken foarby. Sy binne ôfhinklik fan de auto of yn geunstige gefallen fan it iepenbier ferfier. Krekt dy foarsjenning wurdt wat langer wat minder betrouber. Buslinen falle wei, benzine en disel binne djoer. Fansels komme dy minsken ek wolris bûten de provinsje en sille se in flugge ferbining dan grif op priis stelle. Mar it giet om hoe't minsken yn it libben steane. Hoe't se nei de wrâld sjogge en wat se dêryn it belangrykst fine.

Om dat goed te begripen kin ik elkenien it boek *'The road to somewhere'* fan de Britske sjoernalist en skriuwer Goodhart fan herten oanriede. Goodhart besiket yn it boek de twadieling yn it *Feriere Keninkryk* te ferklearjen, dy't sa dúdlik waard by it referindum oer de Brexit. Hy sjocht in skieding yn de maatskippij tusken de saneamde *'somewheres'* en *'anywheres'*. De minsken dy't bûn binne oan in bepaald plak en de minsken dy't har oeral op de wrâld wol thús fiele. De *'anywheres'* wolle frijheid, autonomy, yndividualisme, oer de wrâld reizgje. De *'somewheres'* hingje oan in groepsidentiteit en oan tradisjonele ferbannen en bliuwe almeast tichter by hûs. It binne fansels sjabloanen; in soad minsken sille der wat tuskenyn sitte, somtiden mear *'somewheres'* en somtiden mear *'anywheres'* wêze.

Wêr hawwe wy wier ferlet fan?

De kâs fan it *Deltaplan voor het Noorden* spilet krekt yn dat spanningsfjild: mobiliteit foar gruttere ôfstannen en fernijing tsjinoer lokale/regionale mobiliteit en fêsthâlde oan besteande kwaliteiten. Bewenners fan it Fryske plattelân komme no gjin bus mear yn it doarp

tsjin en lêze yn de krante oer krimp en lytser wurdende budzjetten foar it iepenbier ferfier. Sy krije fan de oerheid it boadskip dat der in *Lelyline*, in *flugge ferbining* foar in bettere takomst komme moat. Om dy hjir oer mear as *tsien jier* te krijen, wurdt in lobby ynset dy't de belestingbeteller miljoenen kostet. Dat is takomstmuzyk dy't konfliktearret mei dat wêr't no ferlet fan is. Wa't gjin each of te min each hat foar in grutte groep ynweners fan ús provinsje is net by steat en fier in goed debat oer de takomst fan Fryslân. As wy wat djipper sjogge nei de ferskraling fan de foarsjenningen op it plattelân fan Fryslân, dan is dêr alle reden ta. Neffens de *Ljouwerter Krante* ferdampte der yn de lêste 10 jier goed 100 miljoen euro oan budzjet by de gemeenten. De gemeenten krigen der wol nije taken by, mar gjin frijheid om in eigen kar te meitsjen, gjin beliedsfrijheid. De foarskriften út De Haach binne spitigernôch gauris fan it type 'one size fits nobody'. Der siet foar de gemeenten faak neat oars op as om te snijen yn de publike foarsjenningen: it swimbad, de biblioteek, de kulturele wrâld yn brede sin, sosjale aktiviteiten. Dat binne no krekt de foarsjennings dy't essinsjeel binne foar de sosjale struktuer fan ús provinsje. Wa't útsprekt dat wy rjocht hawwe op grutskalige ynvestearrings moat ek erkenne dat de dingen dy't kwetsber binne en oan de basis steane foar in goed libben yn Fryslân, de prioriteit krije moatte. It giet om ynvestearrings yn de folle breedte, foar de hiele befolking en wêr't ús ynweners tagong ta hawwe. Der bestiet no te folle spanning tusken grutte takomstfisioenen en dat wat no nedich is.

Yn 2006 spriek skriuwer Geert Mak yn Oranjewâld by de earste Opstalgearkomste fan de Fryslân Bank. Wa't syn lêzing '*Drie verleidingen onder de Opstalsboom*' no, anno 2022, werom lêst, sjocht in hiel soad oerienkomsten mei de diskusje dy't op it stuit fierd wurdt. Ien fan de wichtichste advizen oan it publyk wie: '*Hoedt u voor de cargo-cult*'. Wat Mak bedoelde wie neiaappedrach om mar foardieltsjes binnen te heljen. Mear konkreet: stêden en regio's troch it oanloklike jild dat boppe de merk hinget, opofferje foar wat har no krekt posityf fan oaren ûnderskiedt.

It *Deltaplan voor het Noorden* wurdt troch de foarstaners presintearre as in oplossing dy't de measte problemen foar it grutste part oplosse sil en in antwurd jout op de útdagingen dêr't wy foar steane. Wenningbou, mobiliteit en it weromkommen fan foarsjenningen. Ik leau dêr net yn. Foar in relatyf lyts part fan de provinsje, in lyts part fan de ynweners sil der in posityf effekt wêze, mar dat effekt sil beskieden wêze. Hoe fier oft de lob-

by ek al kaam is, want dat is op himsels in hiele prestaasje en it bewûnderjen wurdich. Dat mei ek wolris sein wurden.

Werom nei de basis

Wat moat der dan barre, sa sjoch ik jo tinken. Myn oprop is like simpel as dat dy doelmjittich is: **werom nei de basis**. Werom nei it begjin. It idee dat de befolking ynstimd hat mei grutte plannen as dy ris in kear yn in ferkiezingsprogramma stien hawwe, is yntusken hopeleas efterhelle. Wy moatte ús ynweners meinimme yn it proses. Dat freget moed fan bestjoerders en politisy. Net om dingen troch te drukken, mar om te harkjen nei goede ideeën, om jin kwetsber op te stellen. Sa't ik yn de ynliding al sein haw, tilt it yn Fryslân op fan de gearwurkingsferbannen, koöperaasjes, ferieningen, stiftingen. Út de histoarje blykt dat der yn de Fryske mienskip in hiel soad tink- en wurkkrêft oanwêzich is. Omdat der yn ús provinsje safolle regionale en lokale ferbiningen en struktueren binne. Krekt dy moatte wy ynsette foar de grutte fraachstikken fan dizze tiid.

En dêrby moatte wy der foar oppasse dat net hieltyd itselde lytse groepke minsken opdûkt op doarpetoppen, Utkijkers of Vonketonnen, al is it fansels moai dat sy de wei al fûn hawwe. Wy as politisy en bestjoerders moatte de doarpen yn, de stedswiken yn, de minsken opsykje, ophelje, meinimme. Wy moatte ússels sa no en dan ek oertsjûgje litte dat it oars kin, of lyk bliuwe mei, omdat dat it bêste is foar Fryslân.

Set lok en brede wolfeart op ien

Brûk de struktuer mei de ferieningen om de fergrizing op te fangen, set fitale pensjonearre lju yn om it tekoart oan frijwilligers op te fangen, foarsafier't dat noch net bart. Stimulearje dat. Set brede wolfeart foarop, set lok écht op ien. Meitsje in fûnemintele kar mei-inoar oer it brûken fan de romte. Al soe men it wolle: in finansjeel-ekonomyske striid mei Brainport Eindhoven of de Rânstêd is op 'e foarhân ferlern. Eltsenien yn dit lân siket om deselde minsken – en dat wylst de beropsbefolking tebekrint. Ek lanlik ûntbrekt in fyzje op dy kwestje.

Mar op it mêd fan tûk toerisme, binnen it bedriuwlibben ('mkb') en yn de agraryske sektor kin Fryslân kop-rinner wêze. Lit ús eigensinnich wêze as it om wentebou giet, fersterkje de besteande kearnen en doarpen neffens aard, skaal en karakter en twing goede ynvestearrings yn de sosjale ynfrastuktuer ôf. Akseptearje dat it iepenbier ferfier of de mobiliteit op it plattelân ûnrendabel wêze sil, en neam it in rjocht. Omearmje de stream

fakminsken dy't de kommende jierren fan û.o. de fúzjeskoalle Friese Poort/Friesland College ôf komme en biedt harren perspektyf.

Allinne as wy ús brede wolfeart écht op ien sette en écht it petear oangeane mei ús befolking oer de ynfolling dêrfan, binne wy by steat en nim breed droegen besluten oer de takomst fan ús provinsje. It *Deltaplan voor het Noorden* en de *Lelylijn* steane yntusken dy diskusje yn de wei. Dêrom pleitsje ik hjir foar in nije start. En dêr kinne wy hjoed al in begjin mei meitsje.³ *In Fryske oanpak foar in bettere takomst!*

³ Sjoch ek it webstek fan de FNP (19 nov. 2022): https://cms.fnp.frl/cms/bijlagen/Fedde_Schurerlzing_2022_Sijbe_Knol_Fryske_oanpak_foar_in_bettere_takomst.pdf; 'It Nijs' (21 nov. 2022): https://www.itnijs.frl/2022/11/oer-wurkje-wenje-wyn-wat-moat-wer-yn-fryslan/?fbclid=IwAR07MHRhBPVql6Vtz-0R_AV3o2dMYL9cMM_Z1qS7wEz_CM-MPEQ1yInTWkc; 'It Nijs' (26 nov. 2022): <https://www.itnijs.frl/2022/11/wurkje-wenje-wyn-wat-moat-wer-yn-fryslan-oflevering-3/?fbclid=IwAR31i3KEYgeDpeQCufxngA0tePwfkEXQjXYQQlmoaAUfQqedFIxALXdXwc0>



Fedde Schurer (Drachten, 1898 – It Hearrenfean, 1968) wie net allinnich sjoernalist en dichter, mar ek strider foar it Frysk (foto: Tinkstien Kneppelfreed mei 'Frysk bloed tsjoch op', in gedicht fan Schurer).

POLITIE

Geen plysje, wel Polizei?

Het Rijk en de provincie Fryslân hebben vorig jaar een Zichtbaarheidsakkoord Friese taal gesloten: waar mogelijk vergroten de beide overheden het functioneel gebruik en de zichtbaarheid van de Friese taal in de openbare ruimte. Gesteund door een groot aantal maatschappelijke organisaties heeft de provincie gepleit de opschriften van gebouwen en voertuigen van de overheid in het Fries en Nederlands te doen. Net zoals in andere tweetalige gebieden moeten dan op politieauto's opschriften

in beide officiële talen komen: politie en *plysje*. Dat was volgens het ministerie van Justitie en Veiligheid zeer ongewenst, omdat dan voor het publiek niet duidelijk zou zijn dat je met de politie te maken had en dat zou mogelijk agressie uitlokken. Deze argumentatie is finaal onderuit gehaald. Want wat schetst mijn verbazing: bij het verwijderen van de demonstranten van Extinction Rebellion afgelopen zaterdag is zowaar een waterwerper met het opschrift POLIZEI ingezet door de politie. Dan is *plysje* op een auto met Nederlandse agenten zo gek nog niet.

Geart Benedictus Joure

De dûbelde taalmoraal fan it Ryk (boarne: NRC, 1 juny 2023, ynstjoerd stikje fan Geart Benedictus).

Der dy namma fan heten is IT KOMÔF FAN PLAKNAMMEN

Presintaasje plaknammeboek fan Pieter Duijff

Ed Knotter

Nei de publikaasje yn 2015 fan de earste ôflevering yn de plaknammerubryk fan it *Friesch Dagblad* groeide de rige nammeportretten en koe in boek op 't lêst net útbliuwe. Op moandei 12 desimber 2022 waard dat yn it Ljouwerter Lyseum Piter Jelles presintearre. Kommissaris fan 'e kening Arno Brok krige it earste eksimplaar.

Talint Akademy

Yn de *Talint Akademy*, in gearwurkingsferbân tusken skoallen fan OSG Piter Jelles en RSG Simon Vestdijk, kinne learlingen fakken kieze dy't net op alle skoallen oanbean wurde. It Frysk stiet tusken net reguliere fakken lykas Sineesk, Wiskunde D en Spaansk. De learlingen yn Ljouwert dy't ek it fak Frysk hawwe, wienen behelle yn de presintaasje fan it boek en krigen dêrmei de kâns om wat fan harren ekstra kwaliteiten sjen te litten. Soks stimulearret tige en ja, se dienen tige har bêst. Spitigernôch is de kwaliteit fan (Fryske) taalbehearsking net by alle oare meiwurkers fan de skoalle op in mear as midsmjittich nivo. Men soe tinke dat soks de learlingen ek wol opfalt.

De posysje fan it Frysk

Nei't er it earste eksimplaar út hannen fan ien fan de learlingen yn ûntfangst nommen hie, spruts de kommissaris fan de Kening, Arno Brok, in wurdmannich. Fansels gie er yn op it belang en de wearde fan it boek, mar ek op de posysje fan it Frysk. Neffens him soenen wy ris ophâlde moatte te sizzen dat it sa geweldich is as immen goed Frysk praat. Fansels moatte wy flyt op ús taal dwaan, mar dat moat hiel gewoan wêze: 'Hâld no ris op te sizzen dat soks bysûnder is; it is hiel gewoan!'

In deimannich earder wie Brok, mei oaren út Fryslân, op de publike tribune oanwêzich by in spesjale sitting fan de Twadde Keamer, dêr't de nije BFTK (*Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer*) besprutsen waard. Der wie suver neat oars as Frysk te hearren. Apart dat soks sjoen wurdt as in bjusterbaarlik barren en dat de Keamerfoarsitter dat ûnderstrekent mei ek in duit yn it pon-



Ed Knotter

kje te dwaan troch har 'oan it Frysk te weagjen'. Oan 'e ein spruts hja de wurden 'tige tank' as wie it in wûndere prestaasje. Mei de kommissaris soe men sizze moatte: neat bysûnders; hiel gewoan!

Plaknammen

Mar no de plaknammen yn it boek. Dy lykje soms nuer, mar kinne by neier besjen dochs hiel gewoan wêze en oare nammen dy't foar ús gewoan binne, hawwe gauris in oare betsjutting as dat wy tinke soenen. It ûntstean en de nammejouwing fan delsettings hawwe û.o. te krijen mei eleminten yn it lânskip, lykas (wetter)wegen, gebouwen, de histoaryske ûntjouwing, ekonomysk en kultureel, de bewenners en harren taal. Al dy aspekten wurde yn it boek op in heldere wize nei foarren brocht. En soms hiel ferrassend, want as bygelyks alle nammen op -um, of -gea byinoar set wienen, hie it in ferfeelsum boek wurde kinnen. Of plakken mei *tsjerke* yn de namme, of oare mienskiplike eleminten, lykas *fean*, *âld* of *nij*, *wert*, *dyk* of *diken*, *broek*, *hûs* of *huzen*. Pieter Duijff is net útgien fan in strak analysearjend stramyn, mar fertelt by elts plak in eigen ferhelderjend ferhaal. De patroanen yn nammejouwing ûntdekt de lêzer geandewei. Men soe hast letterlik 'geandewei' sizze kinne, want yn de folchoarder is bytiden in rûte fan fyts- of kuiertocht te sjen. De plakken steane net op alfabetyske folchoarder en dêrmei is de namme fan jins eigen wenplak net samar te finen. Dan moat it register rieplachte wurde mei it foardiel dat der mear ynfor-



Pieter Duijff, *Der dy namma fan heten is. It komôf fan PLAKNAMMEN* (De Gordyk: Bornmeer, 432 siden, € 22,50).

Yn Fryslân tilt it op fan doarpen, en der binne ek noch alve stêden. Efter de namme fan elk fan dy delsettingen sit in ferhaal. Wêrom hawwe de minsken harren wenplak neamd sa't it hyt? Hoe kamen de minsken op de plaknamme 'Wyldinghen' en wat is de doarpsnamme no? In hiel soad plaknammen binne foar it earst oerlevere yn it twadde part fan de midsiuwen, mar der is net by skreaun wat de eftergrûn fan dy nammen is. Mei kennis fan it Frysk en oare talen kin fan gâns fan dy nammen dochs hiel wat fan it komôf sein wurde. Yn dit boek wurde yn goed fjouwerhûndert koarte haadstikjes de nammen fan alle offisjele Fryske delsettingen beskreaun.

PIETER DUIJFF is al mear as trije desennia oan de Fryske Akademy ferbûn. Hy hat dêr al dy tiid warber west op it mêd fan Fryske wurdboeken en wurdlisten. Boppedat hat er bygelyks skreaun oer taalfariaasje yn Fryslân, yn it bysûnder oer it Stedfrysk.



De efterkant fan it plaknammeboek fan Pieter Duijff.

maasje te finen is om't in namme faak yn mear beskriuwings foarkomt. Gemeentenammen binne nammers ek yn it register opnommen. De nûmers dy't dêrby jûn wurde, is oan te sjen dat de skriuwer in rûte yn dy gemeente folge hat.

De Âldfryske titel fan it boek, ôfkomstich út in oarkonde fan 1470, past moai by it histoarysk perspektyf. De boarnen dêr't ryklik nei ferwiisd wurdt, fertoane fansels âlde taalfoarmen en skriuwziden. Sa falt der ek gâns te learen op it mêd fan de Fryske taalûntjouwing, Âldfryske foarmen, mar ek Midfryske nuveraardichheden yn de stavering. Alle stikjes hienen foar de wyklike kranterubryk in omfang fan goed 300 wurden en dêrtroch passe dy yn de boekútjefte kreas op ien bledside. Skreaun yn geef Frysk!

Geef Frysk

Ien spesifyk foarbyld fan geef taalgebrûk wol ik hjir nei foarren helje. It giet om *telwurden* dy't troch de skriuwer systematysk en konsekwint brûkt wurde op in wize dy't út it deistich praat liket te ferdwinen. Tusken ien en twa hat it Frysk *oardel* (de *d* is stom), folút *oardebeal*. De oare, de twadde dus, foar de helte. Dat wol sizze *ien en in beal*. Sa betsjut *treddel* (2½), de tredde foar de helte, en sa giet it fierder mei *fjirdel*, *fjirdebeal* (3½), *fyftel*, *fyftebeal* ensfh. In trime heger is *oardelhûndert* itselde as hûndertfyftich. In systematyk dy't yn it boek, bygelyks by ynwennertallen, konsekwint tapast wurdt. Wy lêze bygelyks dat it haadplak fan Skylge in *treddeltûzen* ynwenners hat.

Ûndúdlikheden en mystearjes

It komôf fan it grutste part fan de plaknammen yn Fryslân is wol bekend, mar der binne ek noch ûndúdlikheden en mystearjes. In foarbyld is *Akkrum*, dêr't de namme noch hieltiten net fan ferklearre is. Der is wol socht om mooglike ferbannen, mar om't net ien rjocht klearrichheid jaan kin, wurdt yn it boek oanjûn wat, nettsjinsteande in soad fraachtekens, it meast foar de hân leit.

No't yn in kreas boek safolle kennis oer it komôf fan plaknammen yn Fryslân te finen is, kin men jin ôffreegje wat in fierdere stap wêze kinne soe. It wurd 'stap' komt hjir wol moai út, want as men de stap deryn set en de dyk útrint, treft men ferrassende nammen fan wegen en leanen. Hoe komt dy dyk no oan sa'n namme? Hoe sit it bygelyks mei it *Selmien*?

De Sweach,
jannewaris 2023

Mear stipe út Fryslân foar Dútske Friezen

Tjallien Kalsbeek fan Grou sil foar de Friezen yn Dútslân oan it wurk. Hja sil yn de Frysktalige regio Sealterlân (Seelterlound) it Fryskpraten oanmoedigje.

Foar dat projekt binne kursussen en boekjes ûntwikkele. Dy binne makke troch taalynstitút Afûk yn Ljouwert en troch Henk Wolf, dy't as Fries om utens ek yn Sealterlân wurket om it Frysk te stypjen. Hy hat frou Kalsbeek by it wurk behelle. Hja wurkje beide foar de Oldenburgische Landschaft, in organisaasje dy't ûndersyk docht en it Nedersaksysk en Frysk yn de omkriten fan de stêd Oldenburg (Âldeboarch/Ooldenbuurich) stipet.

Yn Sealterlân praat sa'n 14 persint fan de befolking



Flagge fan de gemeente Sealterlân (Landkreis Cloppenburg yn de Dútske dielsteat Nedersaksen).

in foarm fan it Frysk. Foar de oarloch koe hast de folleine befolking dy taal prate, mar wilens is er yn de eigen regio in minderheidstaal wurden en binne Platdútsk en Heechdútsk de fiertalen wurden. De Dútske oerheid wol lykwols dat de taal net ferlern giet en stelt jild beskikber om fakminken oan te lûken dy't it Frysk rêde kinne. Om fierder ferfal fan it Frysk yn Sealterlân op te kearen en minsken derta oan te setten om it faker te praten hawwe de Nederlânske Friezen oansluting socht by in ynternasjonale gearwurkingsferbân dêr't de Afûk ek by sit.

It doel fan dat gearwurkingsferbân is om koarte kursussen te jaan. Minsken leare dêryn om better nei te tinken oer hokker taal oft se wannear brûke. It projekt is betocht troch de universiteit fan Valencia en rint al in pear jier yn ferskate Europeeske regio's, wêrûnder Fryslân.

Tjallien Kalsbeek en Henk Wolf binne net de iennichste Friezen út Nederlân dy't de Dútske Friezen stypje. Wolter Jetten is ek foar harren aktyf. Hy skriuwt ûnder oaren kollums foar in regionale krante yn it Frysk fan Sealterlân en hat in learboek skreaun om it Sealterlânske Frysk te learen.¹

Boarne: *It Nijs*, 3 febr. 2023

¹ Ek oan te klikken op: [Mear stipe út Fryslân foar Dútske Friezen | It Nijs](#).

WETENSCHAP



TAALKUNDE

Saterfries, het kleinste taaltje in Europa

Net over de grens bij Groningen wordt een piepkleine taal gesproken. Het taaleilandje is ontstaan in de Middeleeuwen.

Tekst: Berthold van Maris Foto's: Sake Elzinga

De kleinste taal van Europa wordt gesproken in Duitsland, op slechts dertig kilometer van de grens met Groningen. In vier dorpen, die samen het Saterlând vormen, spreken tussen de duizend en tweeduizend mensen Saterfries. Of, zoals ze zelf zeggen: Seeltraak. Volgens in het Fries gespecialiseerde taalkundigen is het een op zichzelf staande Friese taal, dus een zusje van het Nederlandse Fries. De Nederlandse taalkundige Henk Wolf is sinds een paar jaar de 'wetenschappelijk hoogdraggende' foar 'Seeltraak', zoals je dit in die taal zelf zegt. degene die het Saterfries wetenschappelijk begeleidt.

Zen hem taaleilandje, is dat bijzon-

der? Ja en nee, vindt Henk Wolf. Ja, want je komt het in Europa nauwelijks tegen. Nee, want buiten Europa zijn er heel veel talen met maar een paar duizend sprekers, bijvoorbeeld in Noord- en Zuid-Amerika en Australië. „En verder is het Saterfries natuurlijk gewoon een van de vele minderheidstalen in West-Europa. In dat opzicht is het niet zo bijzonder of gewoon als bijvoorbeeld het Nederduits, het Limburgs of het Vlaams.“

Hoets dit taaleilandje ontstaan? Wolf: „In de Middeleeuwen, toen het Friese taalgebied nog veel groter was, is een groep Friezen alom die vorder in het noorden woende, waarschijnlijk vanwege overstromingen een stukje naar het zuiden afgezet en hier terechtgekomen. Zeh hebben

de taal meegenomen en bewaard, terwijl die in dat noordelijke gebied - Groningen en een klein gedeelte van Noord-Duitsland - helemaal is verdwenen. Dus dat is bijzonder. Maar dat vondstiemensen zelf lange tijd helemaal niet zo bijzonder. Tot er eind negentiende eeuw twintigste eeuw mensen van buiten kwamen, vaak uit de Nederlandse provincie Friesland, die tegen hen zeiden: Ja, maar wat julle spreken, is ook een soort Fries. Daar waren ze zich helemaal niet bewust van.“

Als je nu met de auto langs die vier dorpen rijdt zie je niet meer dat dit ooit een heel gescheiden gebied was. De dorpen liggen op een smalle zandrug, die vroeger midden in een groot moerasig veengebied lag. Je kon er alleen maar via een ri-

Sealterlân is ek yn byld by de NRC (15 july 2023).

Fryske nammegehoaten, de East-Friezen (III)

Tom Wester*

Tom Wester hat oant no ta foar Nij Frisia twa Hollânkstalige bydragen levere oer ús nammegehoaten oan de oare kant fan de steatsgrins, de East-Friezen (Nij Frisia, simmer 2022, nû. 2, (diel I; s. 25-28) en Nij Frisia, winter 2022, nû. 4 (diel II; s. 22-25). Hjirûnder folget it tredde part, dat giet oer in stikmannich wichtige en nijsgjirrige stêden dêre. De oersetting yn it Westerlauwerske Frysk is wer fan Sytze T. Hiemstra, dy't ek de taljochtsjende noaten tabeakke hat.¹

Aurich, haadstêd fan East-Fryslân

Aurich, haadstêd fan East-Fryslân²

Aurich³ telt sa'n 42.000 ynwenners. It ûntstean fan dy stêd giet werom op it stiftsjen fan de Lambertitsjerke om 1200 hinne, mar doe wie Aurich der fansels al. Aurich/Auwerk/Auerk wie fan 1539 oant 1945 de haadstêd fan East-Fryslân. Ek yn de Napoleontyske tiid (1807-1810 Hollânsk, 1810-1813 Frânsk) wie it haadplak. Doe fan it *Departement Oost-Vriesland*.

Yn 1945 waard de dielsteat *East-Fryslân* troch de alliearden opheft en waard Aurich haadstêd ôf. Dat hie Aurich oan himsels te witen. Yn 'e nacht fan 9 op 10 novimber 1938 fûnen pogroms tsjin it Joaden plak ûnder lieding fan 'e nasjonaal-sosjalisten. Twa jier letter waard de stêd oanjûn as 'Joadefrj'.

Om 1350 hinne kamen inkelde famyljes fan haadlingen yn East-Fryslân oan 'e macht. Haadlingen wiene yn-

floedrike lju, lykas boeren dy't in soad lân hiene. Se namen yn harren doarpen of gebieten de machtsposysjes oer fan de eardere keazen liederen (*Redjeven*). In tebekgong yn demokrasy dus. Dochs ynstallearren se noch altyd gjin *feodaal* stelsel⁴, mar earder in systeem fan folgelingen, dat liek op de bestjoersfoarm yn âldere Germaanske kultueren. De ynwenners wiene dêrby wol ôfhinklik fan in haadman, mar holden in soad frijheid en koene har ek earne oars nei wenjen sette. De wichtichste famylje fan haadlingen wie de famylje *Cirksena* út Greetsiel. De Cirksena's hiene harren residinsje yn it slot fan Aurich. It oarspronklike slot waard yn 1477 boud, mar dat wie yn de 19^{de} iuw yn sa'n minne tastân dat it hielendal ôfbrutsen waard.

Dêrnei is yn de perioade 1851-1855 it hjoeddeistige slot boud. Yn in trijejierrige oarloch (1514-1517) tusken greve Edzard Cirksena⁵ en hartoch George fan Saksen⁶ waard Aurich mei de grûn gelyk makke. Dêrnei begûn Edzard I oan it fannijs opbouwen fan it kastiel. Se griepen doe de kâns oan om in grut merkplak oan te lizzen en it strjittepatroan oersichtlik en rjochthoekich te

¹ Noch mear Frysktalige ynformaasje oer East-Fryslân is te finen yn: Hajo van Lengen, 'East-Fryslân: Hoe't it ûntstie, wat it is', yn: *De Fryslannen* (Ljouwert: Fryske Rie/Afûk, 2008, s. 66-93). It is in oersetting út it Dútsk fan *Die Frieslande* (Bräist/Bredstedt: Nordfriisk Instituut, 2006) troch Sytze T. Hiemstra (Fryske Rie), dy't ek de einredaksje hie.

² Dútsk: *Ostfriesland*; Leechsaksysk: *Oostfreesland*; Sealterfrysk: *Aastfräislound*; East-Frysk: *Östfräisland*.

³ Frysk: *Auwerk*; Leechsaksysk: *Auerk*; Nederlânsk en Âldfrysk: *Aurik*.

⁴ It *feodalisme* of de *feodaliteit* (Latyn: *feudum* of *lien*) is in begryp dat brûkt wurdt foar in hiërgarysk machts- en bestjoersysteem dat stuolet op in lienselsel dat nei it ferdwinen fan it West-Romeinske Ryk (om 500 hinne) oant de nije tiid (om 1500 hinne) yn grutte parten fan Europa hearske. De eigner of 'hâlder' fan de grûn dielt it brûken dêrfan ta oan oaren. Dêrby wurde fan wjerskanten binende ôfspraken makke oar de rjochten en plichten: de feodale oerienkomst. De jinge dy't de grûn ûnder betingsten 'útlient', wurdt *lienbear* neamd en de brûker hjit *fazal* of *lienman*.



Krante út de Napoleontyske tiid yn it Historisches Museum Aurich (foto: Gerda Wester-Koomen).



It prachtige Ihlower alter fan de Lambertitsjerke yn Aurich (foto: Gerda Wester-Koomen).

meitsjen. Oant greve Karel Edzard Cirksena yn 1744 stoar, hat de famylje Cirksena altyd oan 'e macht west yn East-Fryslân. Dêrnei foel East-Fryslân yn hannen fan Prusen.

Tichtby it merkplak fynt men oan de *Burgstraße* it *Historysk Museum*. Yn dat museum wurdt de hiele skiednis fan Aurich út 'e doeken dien. Der wurdt omtinken jûn oan de betsjutting fan de *Opstalsbeam*⁷ en de *Fryske Frijheid*⁸. Der binne ek restanten fan in midsiuwsk swurd út sawat it jier 800 te sjen dat yn de hichte fan de Opstalsbeam fûn is. Dêr is in replika fan makke dat njonken it orizjineel leit. Ek wurdt der in replika fan it segelstimpel fan it *Opstalsbeam-Bûn*⁹ toand.

Blikfanger yn Aurich is de *Lambertitsjerke*. De hjoeddeistige Lambertitsjerke is boud yn it tiidrek 1832-1835. Yn dy tsjerke is it prachtige Ihlower alter te bewûnderjen. Dat alter is yn Antwerpen troch it Lucas Gilde makke en it komt út de kleastersjerke fan Ihlow, dy't yn 1529 as gefolch fan de reformaasje ôfbrutsen is.

⁵ Edzard Cirksena (1461–1528) waard ek wol Edzard I of Edzard de Grutte neamd. Sjoch ek: *De Kanon fan de Fryske Skiednis* (finster 9): <http://www.11en30.nu/de-canon-vensters/edzard-cirksena>.

⁶ Hartoch George fan Saksen waard troch keizer Maximiliaan yn 1498 beneamd ta steedhâlder oer alle Fryske lannen. Dat waard troch de stêd Grins wegere. Greve Edzard seach dat as in kâns om syn ynfloed út te wreidzjen oer de provinsje Grinslân en liet himsels útrokke ta beskermhear fan de stêd. Dêrnei foelen 24 Dútske hartoggen en greven mei har troepen de Fryske lannen binnen en rjochten grutte ferwoastings oan. Edzard waard troch de keizer fûgelfaai (*Reichsacht*) ferklearre.

⁷ *Opstalsbeam*, *Upstalsboom*, *Opstalsboom* of *Opstalboom* (Âldfrysk: *Upstallesbâm*) is de namme fan in âld 'rjochtsplak' by Aurich, East-Fryslân.

⁸ Mei de 'Fryske Frijheid' wurdt tsjut op it ûntbrekken fan *feodale ynstitusjes* yn it gebiet tusken de eardere Sudersee en de Wezer, benammen yn de hjoeddeiske provinsjes Grinslân en Fryslân (Ned.) en East-Fryslân (Dsl.). Der wie dus gjin sintraal gesach. In elite fan hege adel, lykas greven en hartoggen, wie der ek net. De macht lei yn hannen fan pleatslike liederen, ek wol 'haadlingen' neamd. Ynformaasje dêroer jouwe ek: (1) Sytze T. Hiemstra, 'Frisonica libertas: Fryske frijdom as in eksimpel fan midsiuwske frijheid' (rubryk: *Us eigen Taal* [23] oer in relevant artikel fan dr. Oebele Vries), *Nij Frisia*, nû. 2, juny 2017, s. 8-11 en (2) Lothar Englert, 'Fryske Frijheid. Ynlieding op 22.05.2018 by de Opstalsbeam te Rahe (by Auerk, East-Fryslân/



De merke op de Gallimarkt yn Leer (foto: Google ôfbyldings).

Inkelde oare East-Fryske stêden

Leer

*Leer*¹⁰ hat in lange skiednis. Yn it jier 791 stifte de Fryske misjonaris *Liudger*¹¹ dêr de earste tsjerke fan East-Fryslân. It grutste evenemint fan East-Fryslân fynt jierliks plak te Leer en is de saneamde *Gallimarkt*. Dat wurdt alle jierren troch in heal miljoen minsken besocht. De Gallimarkt begjint op de 2^{de} woansdei fan oktober mei in feemark, de grutste fan Noard-Dútslân, dêrnei is der merke en alles mei-inoar duorret it 5 dagen. Leer hat in moaie âlde binnenstêd ('Altstadt'). Der is in nijsgjirrich *Heimatmuseum*, ûnderbrocht yn twa âlde gebouwen. Men kin der moaie dingen út eardere tiden bewûnderje, lykas meubels, diggelguod en skilderingen en dêr is ek de lêste houten East-Fryske tsjalk te sjen.



Emden nei it bombardemint yn 1944 (Google ôfb.)

Emden

Emden is de grutste stêd fan East-Fryslân en hat de meast westlike seehaven fan Dútslân. It hat sa'n 50.000 ynwenners. Út Emden wei giet in fearboat nei Borkum en ien nei Delfsyl. Emden neamt himsels graach it 'Feeneesje fan it Noarden'. It hat sa'n 150 km oan kanalen.¹²

De skiednis fan Emden begûn om 800 hinne as in hannelselsetting oan de *Iems*¹³. Oan de ein fan de 14^{de} iuw joech de stêd oan in groep seerôvers, yn it Frysk bekend ûnder de namme *Likedielers* (Holl.: 'Victualiënbroeders'), it rjocht om harren búten op de merk fan Emden te ferkeapjen. Dat late yn 1402 ta in belis fan de stêd troch Hamboarch, dat de striid oangie mei de piraten. Net earder as yn 1431 slagge it Hamboarch om de stêd te feroverjen. Hamboarch hold Emden beset oant 1453. Yn oktober 1464 kaam de stêd yn hannen fan *Ulrich Cirksena*, dy't doe greve fan East-Fryslân waard.

Troch de Spaanske blokkade fan Nederlânske havens oan it begjin fan de *Tachtichjierrige oarloch* (1568–1648) waard Emden de wichtichste oerslachhaven oan de Noardsee. Út de Nederlannen kamen tûzenen protestantske flechtlingen nei de stêd om de ferfolgings troch de Spaanske *Hartoch fan Alva* (offisjeel: Fernando Álvarez de Toledo, 1507–1582) te ûntrinnen. Yn dy tiid rekke it kalvinistyske Emden yn konflikt mei de luterske greven fan East-Fryslân. Mei stipe fan de Nederlânske Republyk wist Emden in frije stêd te wurden. It 'Nederlânsk' waard de fiertaal fan de hannel en it boargerlik bestjoer. Dy taal bleau oant yn de njoggentjinde iuw de wichtichste skriuwtal yn Emden. Oan de posysje fan de haven fan Emden kaam in ein doe't de rin fan de rivier de Iems ûnferwachts feroare.

Ostfriesland)', *Nij Frisia*, juny 2018, nû. 2, s. 9-14. Sjoch ek: *De Kanon fan de Fryske Skiednis* (finster 6): 'De Fryske frijheid. Leaver deas as slaaf, 1250-1498': <http://www.11en30.nu/de-kanon-finsters/de-fryske-frijheid>.

⁹ Der wie sprake fan in *bûn* fan frije lânsgemeenten út de Fryske kuststreek. Fertsjintwurdigers fan de lânsgemeenten, dy't frij keazen waarden, kamen yn de regel op 'e tiisdei nei Pinkster (letter waard dat 'Âlde Maaie') by de Opstalsbeam gear om op te kommen foar frijheid en rjocht foar alle Friezen.

¹⁰ Dútsk: *Leer*; East-Frysk Plat: *Læær*; Sealterfrysk: *Lier*.

¹¹ *Liudger* (ek: Lüdger of Ludgerus) (747, Zuilen by Utert–809, Billerbeck) wie in Fryske misjonaris en roomsk-katolike biskop.

¹² Sjoch ek: Sander Hoekstra, 'Explore the North 2019: de JFM nei Ihlow en Emden', *Nij Frisia*, hjerst 2019, nû. 3, s. 12-15.

¹³ De rivier de *Iems* (Latyn: *Amisia*; Noard-Leechsakysk en Hollânsk: *Eems*; Sealterfrysk: *Oamse*; Dútsk: *Ems*).



Jever is bekend om syn prachtich slot en syn eigen Frysk bier.

De ûnôfhinklike status duorre oant 1744, doe't greve *Karel Edzard Cirksena* (1716-1744) sûnder bern stoar en East-Fryslân, ynklusyf Emden, ynlive waard troch Prusen. Yn 1944 waard Emden swier bombardearre troch Amerikaanske fleantugen. De histoaryske binnenstêd gie foar in grut part ferlern. Wol is yn de stêd noch altyd de midsiuwske binnenhaven, de *Ratsdelft*, te finen. Yn en om dy haven hinne fynt men wichtige gebouwen lykas it stedhûs, inkelde musea, in âlde havenpoarte en âlde boaten. Nei de Twadde Wrâldoarloch is Emden wer opboud. Yn it *Ostfriesische Landesmuseum* fan Emden is in unike kolleksje tentoansteld. Hert fan de kolleksje is de 'rust'-keamer (wapenromte) mei syn 400 jier âlde swurden, musketten en harnassen. Oare at-traksjes binne in kolleksje fan Nederlânske skilderijen, it feanlyk fan *Bernuthsfeld* en de *sulverskat* fan Emden.



Obers yn Ammerländer klaaiïng (foto: Gerda Wester-Koomen).

Jever

Jever (Kreisstadt fan Landkreis Friesland) telt sa'n 14000 ynwenners. De stêd is bekend om syn Jever-bier fan it *Friesisches Brauhaus*. It bier wurdt in soad yn East-Fryslân dronken en ek nei ferskate lannen eksportearre. Op it etiket stiet it slot fan Jever ôfbylde. Dat kastiel stiet yn de âlde binnenstêd en giet werom op in eardere stins fan East-Fryske haadlingen. It hjoeddeistige slot is boud op de oerbliuwsels fan in ferwoastge boarch út 1427. Sûnt 1921 docht it gebou tsjinst as museum, dêr't wikseljende tentoanstellings te sjen binne.

Bad Zwischenahn

It iepenloftmuseum yn *Bad Zwischenahn* (Landkreis Ammerland) leit oan de *Zwischenahnermar*.¹⁴ Men sjocht dêr âlde huzen mei reiden dakken, tunen, stâlen en skuorren. Alle gebouwen stiene earder op in oar plak en waarden tusken 1910 en 1941 yn it *Strandpark* wer opboud. In Hollânske stellingmûne¹⁵ is de pearle fan it iepenloftmuseum. Hy stiet by in Ammerländer boerepleats út de 17^{de} iuw. De mûne hat earder op trije oare plakken stien foardat er yn 1959/60 yn it strânpark telâne kaam. By de *Spieker*, in opslachplak foar gewaaks (nôt) dat boud is yn fakwurkstyl, kin men genietsje fan de Ammerländer gastfrijheid. Der binne pleatslike spesjaliteiten te krijen en men wurdt betsjinne troch freonlike obers yn de orizjinele Ammerländer klaaiïng.

** Tom Wester wennet yn Obda[a]m (West-Fryslân, provinsje Noard-Hollân), is pensjonearre learaar natuerkunde (middelber beropsûnderwiis), redaksjelid fan it jierboek fan it Westfries Genootschap (ûnderdiel dialekt) en lid fan ien fan de fjouwer 'skroifgroepen' dy't der yn West-Fryslân binne. It boppesteand artikel út it jierboek fan it Westfries Genootschap (2020) is troch Tom Wester yn it Hollânsk skreaun en mei yllustraasjes oanlevere (15-11-2021). It is oerset yn it Frysk troch Sytze T. Hiemstra. Dy lêste hat ek inkelde ferdúdlikjende noaten tafoege. It wurdt yn fjouwer parten publisearre yn Nij Frisia en dit is de tredde ôflevering. It earste part hat stien yn Nij Frisia, nû. 2, simmer 2022 (s. 25-28) en it twadde yn nû. 4, winter 2022 (s. 22-25).*

¹⁴ *Bad Zwischenahn* leit wat westlik fan Oldenburg (ek: Âldeboarch/Ooldenbuurich/).

¹⁵ In 'stelling' is in houten konstruksje dy't om de mûne ûnder it leechste punt fan de wjukken oanbrocht is.



Kaartsje fan East-Fryslân (Ostfriesland/Oostfreesland/Aastfrâislound) en omkriten (boarne: De Fryslannen, *Fryske Rie/Afûk*, 2008, s. 66).

Digitale taaltwang!

Wa is der sleau, de Fryske Akademy of de dielnimmer oan de Akademydei?

Freed is it de 85ste jierdei fan de Fryske Akademy. Leden, stipers en oare belangstellenden waarden útnûge harren foar 1 septimber oer it ynternet oan te melden. Soks is ommers hiel ienfâldich hjoed-de-dei.

Mar as jo de link foar it opjaan dan folgje komme jo by de firma VanPlan. Dêr moatte jo it kaartsje foar de Akademydei bestelle. En hoe lang oft wy ek sykje, wy fine by dy firma allinne mar in Nederlânsktalich ynfolformulier. Sels de Frysktalige wjergaders fan de Fryske alve stêden binne net yn dat formulier te krijen. Dat lêste om't de firma wol de offisjele plak- en strijtnammen brûkt. No is ús wurkgroep út soarte foar it brûken fan sokke offisjele nammen binnen de Nederlânsktalige kontekst.

Mar fan de Fryske Akademy ferwachtsje wy dat op in oanmeldformulier de wurktekst Frysktalich is en ek dat alle ynweners fan ús provinsje de eigen Frysktalige strijt- en plaknammen brûke kinne. Boppedat soe it goed wêze dat de dielnimmers net sûnder derby nei te tinken in Nederlânsktalich formulier ynfolje.

Fan de FRYSKKE Akademy hienen wy dochs wat mear respekt foar it eigen publyk ferwachte.

*Topografyske Wurkgroep Fryslân,
4 septimber 2023*

Boarne: Sjoerd Groenhof, 'Frysk jild Lelyline is sigaar út eigen doaze' (LC, 1 des. 2022, 'podium', s. 19).

OPINIE

Frysk jild Lelyline is sigaar út eigen doaze

Hoe lang akseptearje Friezen noch it Haachske 'Rupsje Nooitgenoeg'? It wurdt tiid dat Fryslân bestjoerlik syn eigen takomst bepaalt.

SJOERD GROENHOF

As gefolch fan de eksplozij heger wurdende ierdgasbaten hat de Nederlânske oerheid yntusken mear as sa'n 10 miljard euro mear oan ierdgasbaten ynbarnd en dan is it noch net iens echt winter. In part fan dat-selde ierdgas wurdt dêrnei brûkt om elektrisiteit op te wekken yn in mei ierdgas stooke elektrisiteitsintrale en dus giet de priis fan elektrisiteit ek omheech, dêr't ek wer allerhande belestingen oer heft wurde.

Koartsein: yn De Haach wurde se smoaryk fan de 'klimaatkrisis' en de 'Oekraïnekrisis'. It soe my ein de desimber 2022 net fernuverje as de teller dan op 30 miljard euro stiet; in 'tafaller' neame se soks yn De Haach.

It wurd 'kloof' (Frysk: kleau) is tsjintwurdich in beladen term en grif net wat om grutsk op te wêzen. It seit wat oer it sterk ôfnommen betrouwen yn 'e oerheid, de ferskillen tusken earm en ryk, oerheid en maatskippij, Rânestêd en provinsje, mar ek tusken perifeer wingewest en stedske konsintraasje (metropool).

Ut de geografyske sprieding fan de macht fan Twadde Keamerleden blykt al op syn minst 25 jier in sterke oerfersjintwurdiging fan de grutstedske regio's yn en om de Rânestêd. In resinte Haachske twangwet lit wer sjen dat de natuerlike hûshâlding en de bestjoerlike autonomy fan Fryske gemeenten ienfâldich ynwikelber wurden binne.

De hjoeddeistige stikstofjacht fan ferskate oerheidsynstânsjes troch it

opkeapjen fan boeren om nije ûntwikkelings, lykas ynfrastuktuer, mooglik te meitsjen en it sizzen dat se sa begjin binne mei de natuer en ús lânskip, nim ik mei ien grutte kerrel sâlt. Resint yn de Fryske media: 'Gjin jild foar ferbettering spoarline Ljouwert-Swol'. De Fryske polityk komt gewoan net oan by dit Randstad-kabinet. It is de safolste befêstiging dat de Haachske politike metropool allinnich nimt en net jout.

De plannen foar in Suderseelne binne wer nijlibben ynblaasd, no Lelyline neamd. In projektplan om de Rânestêd te ûntlêsten, oftewol de sprieding fan minsken en foarsjeningnen nei it Noarden, en om de 'kloof' lytser te meitsjen.

Yn hoefier botse de nije plannen fan dit kabinet mei de Fryske paradoks?

Al yn 1969 wie dêr sprake fan. De kosten foar in spoarline fan Lelystêd oer Emmeloard, It Hearrenfean en Drachten nei Grins waarden doe rûsd op op syn minst 320 miljoen gûne. Yn 2007 waarden de kosten, ynklusyf de sweeftrein, begrutte op 3 miljard euro. Te djoer, fûn it doe-tiidske kabinet.

Foar de rottekrûddjoere Lelyline binne de kosten rûsd op 5 oant 10 miljard euro. Wa sil dat betelje? Hoe sil it no gean? VVD-deputearre Avine Fokkens út Fryslân murk koartlyn op: „Hjir is dy Lelylijn wol lib-

bensfetber.” Saakkundigen prate fan fergrimerij fan Frysk mienskipsjild.

Mei troch desennialang finansjeel-ekonomysk 'Randstadbeleid' fan de op inoar folgjende kabinetten binne Fryslân en it Noarden op in gruttere ekonomyske efterstân set en yn in sterk ôfhinklike posysje kommen. Mear as 98 prosint fan de ynbarnd ierdgasbaten út it Noarden is ynvestearre bûten it Noarden.

Parallel dêroan hawwe de Friezen har sosjaal en emosjoneel fierder emansipearre. Se sjogge ek nei de bredere wrâld om har hinne en fiere harren net langer bûn oan de 'fokus' en de noarmen fan de Rânestêd.

De sintrale fraach is no: yn hoefier botse de nije plannen fan dit kabinet mei de bekende Fryske paradoks, dus mei ús lok, ús sosjale koheezje, rêst en romte, ús natuer en lânskip ús taal, kultuer en identiteit? Hoe lang akseptearje Friezen noch it Haachske 'Rupsje Nooitgenoeg'?

As de ûnderlizzende redenen foar de grutte ûnfrede yn ús mienskip net weinommen wurde, dan liket it my ferstannich ta dat Fryslân tenei bestjoerlik sels syn eigen takomst bepaalt, bûten it Haachske tuorke om. Dêrom myn pleit om in ein te meitsjen oan de kulturele en finansjele diskriminaasje fan Fryslân en de Noardlike Regio en de 'Metropool Randstad' net langer finansjeel en polityk foar te lûken. Gjin Frysk oerheidsjild spandearje oan de Lelyline, want dat is in sigaar út eigen doaze.

Sjoerd Groenhof is bestjoerslid fan de Jongfryske Mienskip



'Foar de rottekrûddjoere Lelyline binne de kosten rûsd op 5 oant 10 miljard euro. Wa sil dat betelje?' FOTO NIELS DE VRIES

Hoe wiis moatte wy wêze mei it Masterplan Basisvaardigheden?

*Tom Dykstra

Ynlieding

Op 21 febrewaris 2023 – de dei fan de memmetaal – stie yn it *Friesch Dagblad* in ferslach fan in wurkbesite fan ûnderwiisminister Dennis Wiersma oan de iepenbiere *Westermarskoalle* op 'e Jouwer. Hy liet him op 'e hichte bringe mei ûnderwiis yn it Frysk; net allinne as fak, mar ek as fiertaal by oare fakgebieten. Neffens de krante like him in yntegrale oanpak goed ta 'zolang er maar voldoende aandacht wordt besteed aan de basisvaardigheden'. Krúsjaal is fansels oft dat ek foar it Frysk it gefal is. Behearske alle bern meikoarten de lê- en skriuwfeardichheden ek yn it Frysk en is der net langer sprake fan Frysk-analfabetisme? De ek oanwêzige deputearre Poepjes sil tocht (en hope) hawwe dat soks mei it provinsjale *Taalplan Frysk 2030* wol klear komme kin.

Op 12 maaie 2022 hat minister Wiersma de Twadde Keamer op 'e hichte brocht fan syn *Masterplan Basisvaardigheden*. Hy stelt út om yn it primêr en fuortset ûnderwiis noch mear de fokus te lizzen op taal (!) en rekkenjen, digitale feardichheden en 'burger-schapskunde'. Oer de Fryske situaasje lykwols gjin wurd, wylst de lê- en skriuwfeardichheden ('geletterdheid') yn it Frysk likegoed fan grut belang binne. Yn it Frysk lêze en skriuwe kinne is nedich foar in goede behearsking fan de taal. Sa net, dan nimt it tal brûkers fierder ôf en komt de kwaliteit fan it Frysk taalgebrûk wer mear ûnder druk te stean. Yn it yn 2017 útbrochte ûndersyk fan de Fryske Akademy waard dat proses al karakterisearre as 'minder Fryksinnich en mear meartalich'.

Hoe moat dy besite oan de skoalle op 'e Jouwer no ynterpretearre wurde? In sjarnebesite yn ferkiezingstiid? It lanlike taalbelied yn de lêste fyftich jier is twaslachtich. Op regearingsnivo wurdt praat oer dat *moaie* Frysk, mar yn regeljouwing, ûnderwiis en it iepenbiere libben wurdt de taal yn in *efterstâns situaasje* holden. In



Minister Dennis Wiersma (1986, Frjentsjer; op de foto yn 'e midden) is begjin 2023 noch minister foar Primêr en Fuortset ûnderwiis en besiket dan ek Fryslân.

mearderheid fan de Fryske skoallen past him nettsjinsteande de ferplichting dêrby oan.

Mei in trijetal beswieren haw ik besocht om oan te jaan, wêrom't wy net wiis wêze kinne mei it plan fan de minister. Troch 70% fan de beskikbere ûnderwiistiid beheine te wollen ta de boppeneamde fjouwer leargebieten – al hoe wichtich ek – wurdt in proses fan ferskraaljend ûnderwiis trochset. Fierders is der gjin omtinken foar it Frysk as twadde rykstaal, wylst de taal essinsjeel is foar in goed learproses en de takomst fan de Fryske taalmienskip. Troch spitigernôch strak fêst te hâlden oan fakkeskieding wurde de mooglikheden fan in mear yntegrale oanpak bûten byld holden. Krekt dy mooglikheden kinne it probleem fan te min tiid ferlytsje.¹

¹ Klik foar Tom Dykstra syn besprek ek op *It Nijs* (10 maart 2023): https://www.itnijs.frl/2023/03/hoe-wiis-moatte-wy-weze-mei-it-masterplan-basisvaardigheden/?fbclid=IwAR27nSVbDFWBAncm3ua8-Nh4xN5qRxXyjYK_tSYu88qHeYP9I4xWF5PjIo (ynlieding) en op: <https://www.itnijs.frl/wp-content/uploads/2023/03/Besprek-Masterplan.pdf> (skôging, 4 siden).DS-Taalplan Frysk 2030.pdf.

It Masterplan Basisfeardichheden: mear fan it-selde (skôging)

Op 12 maaie 2022 stjoerde Dennis Wiersma, minister foar primêr en fuortset ûnderwiis, in brief nei de Twadde Keamer mei as ûnderwerp **Masterplan Basisvaardigheden**. Hy hie noed mei de situaasje dat te folle learlingen fan skoalle kamen mei ûnfoldwaande feardichheden op it mêd fan taal, rekkenjen, digitale feardichheden en kennis fan de rjochtssteat ('burgerschapskunde'). Mei dat Masterplan wol er yn de kommende tsien jier, mei help fan ek oare organisaasjes, de fokus op dy basisfeardichheden lizze.

No is der neat tsjin om te besykjen dat alle bern 'belêzen' fan skoalle komme, dat se goed rekkenje kinne, harren rêde kinne mei mooglikheden en gefaren fan de digitale middels en partisipearje kinne yn de demokratiske rjochtssteat. Mar no komme de keallen út it hok: in **70% fan de ferplichte ûnderwiistiid soe oan dy fjouwer fakgebieten bestege wurde moatte**. As ik in learkrêft út it basisûnderwiis konfrontearje mei it neamde persintaazje wurdt hja net kjel, mar fynt se dat soks no hast ek al it gefal is. De druk fan de *Eindtoets Basisonderwijs* mei rekkenjen en (Ned.) taal as wichtichste yndikatoaren foar de kwaliteit fan it ûnderwiis is grut en bepaalt ek fierhinne it ûnderwiiskundich tinken fan bestjoeren en ûnderwiisminsken.

Oarsaken fan tekoartsjittende basisfeardichheden

Yn syn brief neamt de minister oarsaken as it leararetekoart, koroana, in oerfloed oan maatskiplike opjeften en in ferâldere kurrikulum (learplan). Op it earste gesicht problemen fan de lêste tiid, mar binne dat wol de echte oarsaken? Al folle langer wurdt besocht om troch (fernijd) ûnderwiis de maatskiplike partisipaasje fan alle ynweners te ferbetterjen. Nim no it kurrikulum, dat neffens de minister ferâldere wêze soe. It kurrikulum is in beskriuwing en ferantwurding fan hoe't de skoalle syn ûnderwiis jaan wol, wêrby't rekken holden wurde moat mei wetlike easken. Yn Nederlân hawwe wy gjin troch de oerheid foarskreaune kurrikula. Eltse skoalle bepaalt dat sels en kin sa it bêste by de learlingepopulaasje oanslute. Dy (lanlike) wetlike easken binne:

- in tal ferplichte lessoeren op jierbasis en de ferdieling oer it skoaljier;
- de ferplichte fakken;
- de ferplichte kearndoelen (sûnt 1980 yn it primêr en sûnt 1993 yn it fuortset ûnderwiis).

Dy kearndoelen jouwe it *nivo* oan, dat op syn minst yn it programma fan de skoalle oan bod komme moat.

Kearndoelen jouwe net oan *hoe't* dat dien wurde moat. Boppedat moatte skoallen harren hâlde oan de Nederlânske wearden sa't dy yn de Grûnwet steane, bygelyks yn it anty-diskriminaasjekêst 1.

Om de safolle tiid wurde de kearndoelen kritysk hifke oft se noch by de tiid binne. No wol it gefal dat al lang troch kommisjes út it ûnderwiisfjild wurke is oan de fernijing fan de yn 2006 fêststelde kearndoelen. Dat fernijingsproses slagget mar min. Ek de yn 2018 ynstelde kommisje foar de kearndoelen Frysk (kurrikulum.frl) hat gjin útstellen klear krige en dêrom hat de provinsje yn 2020 it Cedin nochris deselde fraach steld. 'De Haach' is no oan bar om foar **alle fakken** dy nije kearndoelen fêst te stellen, mar dat keallet ek swier. It is net sasear in kwestje fan 'ferâldere' kearndoelen, mar de stânpunten oer fernijing lizze te folle útinoar. De yrritaasje spat der dan ek ôf as de jonge minister skriuwt: *Dit proces heeft nu al veel te lang geduurd en is te groots en meeslepend opgezet (fet TD)*. Hy wol gjin 'eindeloze discussies' mear, mar sjocht it as in opdracht foar in *wetenschappelijke curriculumcommissie*, yn dit gefal de *Stichting Leerplan Ontwikkeling* (SLO).

In histoarysk útstapke

De problematyk fan de basisfeardichheden is net fan de lêste tiid. Sûnt de sechstiger jierren binne der bygelyks miljoenen ekstra yn it ûnderwiis stutsen om 'efterstân' fan groepen yn de maatskippij foar te kommen. Sa waard mei (taal)kompensaasjeprogramma's besocht om de kleau tusken de 'earmoedige' thústaal en de 'rike' skoaltaal te sljochtsjen. Yn it ûnderwiisfoarrangsbeld waard besocht om it skoalprogramma better ôf te stimmen op de kulturele situaasje fan it saneamde legere miljeu. Neist de kwalifikaasje- en yntegraasjefunksje spilet de allokaasje- en seleksjefunksje noch altiten in rol yn it ûnderwiis. It sosjale miljeu fan de learlingen is dêr in wichtige faktor by.

Neist de ferskillen yn erflike oanlis by learlingen binne de sosjaal-kulturele skaaimerken fan it miljeu mei beskiedend foar de tagong ta it (winske) ûnderwiis. It giet dêrby om direkt op it ûnderwiis rjochte faktoaren lykas ûnderwiisstypjend gedrach fan de âlden en ek de opfiedingsstyl en wearde-oriïntaasje yn de húshâlding.

Yn it stribjen nei 'gelikense' tagongskânsen krije saneamde efterstânsgrôepen en minderheden gau-efstich it stimpel oplein fan in 'tekoart' of 'sosjale ôfwiking'. Mar it ferhelpen fan dat 'tekoart' smyt in dilemma op, nammentlik de spanning tusken de fereaske oanpassing oan



Ôfskie fan drs. Tom Dykstra (lofts) as foarsitter fan de Feriening Frysk Underwiis (FFU). Tom hat fan 1993 oant augustus 2022 foarsitter west fan de FFU en hat yn al dy jierren syn plak yn de striid foar it Frysk yn it ûnderwiis mear as skjinmakke!
Rjochts: Ed Knotter, skathâlder fan de FFU (foto: S.T. Hiemstra, skriuwer FFU; Itens, 09-08-2022).

de dominante kultuer en it behâlde wollen fan eigen (sosjaal-)kulturele identiteit. Soks jildt likegoed yn as bûten de Rânestêd. Yn it brief fan de minister is fan dy problematyk neat te fernimmen. Yn syn algemienens kin no al sein wurde dat mei in noch strangere fokus op mear tiid foar de basisfeardichheden der gjin ferbettering te ferwachtsjen falt.

Beswieren tsjin it masterplan

1. Útfiering fan it masterplan liedt ta in **fierdere fer-skraling fan it primêr en it fuortset ûnderwiis**. Neffens kêst 8 fan de WPO (wet op it primêr ûnderwiis) is it ûnderwiis ‘in ieder geval gericht op emotionele, verstandelijke ontwikkeling en ontwikkeling van creativiteit en noodzakelijke kennis van sociale, culturele en lichamelijke vaardigheden’. Kêst 1.4 fan de WVO (wet op it fuortset ûnderwiis) stelt algemiene foarming sintraal, sadat der in net ûnderbrutsen ûntjouwing mooglik is. It masterplan wol no de ûnderwiistiid foar de (kulturele) feardichheden as taal en rekkenjen noch fierder útwreidzje mei it gefaar dat de bern minder konfrontearre wurde mei oare ûntwikkelingsgebieten. Sa wurdt bygelyks mei it bûtenskoalsk programma *Meer muziek in de klas* besocht om it muzykûnderwiis op de skoallen (wer) fan 'e grûn te krijen (beskermfrou keninginne Maxima).

It belang fan lêzen, skriuwen en rekkenjen is dúdlik, mar de problematyk is net mei wat ekstra tiid op te lossen. Yn it foarste plak moat sjoen wurde nei de wize fan oanlearen fan dy feardichheden en hoe't de skoalle dêrby omgiet mei de thús- of streektaal fan learlingen en foaral mei de kultuer fan de thússituaasje (it kultuerdilemma). Yn it plan is gjin omtinken foar differinsjaasje, ‘passend ûnderwiis’ sa't jo wolle. Foar learlingen dy't gjin muoite hawwe mei de basisfeardichheden, kin de skoaltiid dan ek ferfeelsom en minder motivearjend wurde en kinne oare mooglikheden foar ûntwikkeling gjin of minder kansen krije.

2. Yn it masterplan is **gjin omtinken foar in lykwear-dich plak foar it Frysk yn it ûnderwiis yn us provinsje**. As bestie der gjin foar it Frysk ûnderskreaun *Europeesk Hanfest* en in *Bestjoersofspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) 2019-2023!* Foar de skoallen yn Fryslan hearre de basisfeardichheden foar Frysk lêzen en skriuwen yn it ramt fan meartalich taalûnderwiis in *lykwear-dich* plak te krijen. Yn it masterplan ûntbrekt omtinken foar transfer fan it Frysk nei it Hollansk en somtiden ek nei it Ingelsk en oarsom. Bern (learlingen) mei it Hollansk as memmetaal kinne sa struktureel befoardiele wurde yn ferliking mei oarstalige learlingen en dan is yn dy situaasje it ûnderwiis sels in beheinende faktor. In

elitêre en iensidige Hollânsktalige oanpak wurket dan earslings en is ek net essinsjeel foar it learen om om te gean mei digitale mooglikheden en demokratyske feardichheden.

It masterplan foarmet sa in bedriging foar it yn de BFTK oankundige provinsjale *Taalplan Frysk 2030*. As it Frysk yn de oerbleaune 30% ûnderwiistiid in isolearre plak kriget, dan hoecht men gjin profet te wêzen om te foarsizzen dat it Frysk gjin lykweardige kâns hat. It op 30 jannewaris 2023 útkommen *DINGtiid*-rapport oer in better plak foar it Frysk yn de foarskoalske perioade kin wol by it âld papier.

Hjir wreekt him de hybride situaasje dat it Ryk einferantwurdlik is foar it Frysk yn it ûnderwiis en dat de provinsje Frysk allinne in rezjy- of útfieringstaak hat. Yn de diskusje oer mear foech nei de provinsje Fryslân yn 2010 naam it ministearje fan O&W it stânpunt yn dêr gjin foarstanner fan te wêzen omreden dat soks yn striid wêze soe mei kêst 23 fan de Grûnwet en de belangen fan nasjonaal ûnderwiisbelied (sjoch: *Stuurgroep decentralisatie Friese taal van Rijk naar de provincie Fryslân*, 2010, s. 9). De O&W-fertsjintwurdiger Bagchus dêryn wie fan betinken dat troch mear omtinken foar it Frysk ‘de basisvaardigheden onder druk’ kamen te stean.

Yn syn brief oan de Twadde Keamer ferwiist de minister net nei de rol fan de memmetaal by de basisfeardichheden en de positive ûnderfiningen mei in meartalige oanpak sa’t út it ûndersyk *Trijetalige skoalle yn Fryslân* (Van Ruijven en Ytsma, 2008) bliken docht. Mar ek los fan dy positive ûndersyksresultaten bestiet der in Frysktalige mienskip, dy’t yn syn fuortbestean bedrige wurdt as bern hieltyd jonger iensidich mei in oare taal konfrontearre wurde. Harren identiteit wurdt útwiske, wylst soks hielendal net nedich is en yn in demokrasy net foarkomme mei.

3. It masterplan **giet út fan in rigide tadieling yn fakken sûnder rekken te hâlden mei yntegrale mooglikheden om it knyppunt fan oerlading tsjin te gean**. De sketste lêsprblematyk hat minder mei koroana te krijen as wol mei it brûken fan de sosjale media. De hjoeddeistige learlingen ‘libje’ hast mei harren mobyltsje en reagearje troch de bank koart en mei in eigen taalgebrûk. Guon fan harren lêze leaver in Ingelsktalich boek omdat it Ingelsk mear status hat en yn it ûnderwiis stadichoan in dominanter plak kriget. Ekonomyske motiven ferkringe dan de kulturele, sa’t dat ek yn it universitêr ûnderwiis koartlyn wer aktueel wie. Sa kriget net allinne it Frysk, mar ek it Hollânsk it dreech.

In bykommend probleem is de tapassing fan keunstmjittige yntelliginsje, dy’t it studinten ‘maklik’ meitsje kin om teksten te produsearjen sûnder dat se sels taalfeardich hoege te wêzen.

In ferplichting ta mear lessen Nederlânsk om ‘gelettertheid’ en it lêzen fan boeken te berikken leit net foar de hân. Der sil studearre en eksperimintearre wurde moatte mei in oanpak dêr’t learlingen – ek by oare fakken – aktiver mei teksten/boeken by omgeane. As in ekstra stimulâns kinne lêsbefoarderingsprojekten in rol spylje lykas it Fryske projekt *LêsNo* op skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân.

Fan it learen en brûken fan digitale feardichheden kin itselde sein wurde. De diskusje oft it mobyltsje no net of wol yn de lessen ferbean wurde moat, is begryplik. It is lykwols de fraach oft foar it feilich en fertroud leare om om te gean mei dat medium in apart fak nedich is. Mear fakken (oerlading) en dêrtroch konkurrinsje mei besteande fakken (skiednis, maatskippijlear bygelyks) is gjin oplossing. It giet net allinne om kennis fan ynformaasjetechnyske mooglikheden, mar wichtich binne ek etyske noarmen en respektfol omgean mei oarstinkenden om oer it werkennen fan komplotteoryen op it ynternet mar te swijen. It hâldt wearde-orïntaasje yn en dat is yn it hiele ûnderwiis by alle fakken oan ’e oarder.

In ûnderwerp as steatsynrjochting krige ornaris in plak yn it skiednisûnderwiis en by maatskippijlear. As der wer ferkiezingsen foar de doar stiene, hie ik eartiids it lokaal fol mei oanplakbiljetten. Mar net allinne dan is respektfolle diskusje en demokratyske beslútfoarming oan ’e oarder. Op alderhanne manieren en by alle fakken is de ûnderwiissituaasje in *‘oefenplaats voor democratie en omgaan met diversiteit’*, sa’t literatuer oer ‘burger­schapskunde’ oanjout. Mei de kearndoelen kin it (minimale) ûnderwiisoanbod fêststeld wurde

Gearfetsjend:

De yn it *masterplan* besprutsen problematyk is aktueel, mar wurdt net oplost troch konsintraasje op in pear fakken. De oplossing moat nét socht wurde yn de rjochting fan mear tiid foar itselde, mar yn in ferbettere oplieding fan learkrêften/dosinten en de mooglikheden fan *yntegraal* ûnderwiis.

De problemen binne ynearsten net fan ûnderwiiskundige, mar fan maatskiplike aard. Yn twadde ynstânsje konsolidearret it ûnderwiis dy ûngelikensens earder as dat dy bestriden wurdt. De ynhâld fan it masterplan is te folle rjochte op it realisearjen fan ekstra tiid. It feit fan

it net neamen fan it Frysk yn it masterplan is op himsels al in foarbyld fan foarbygean oan de maatskiplike situaasje. De oarstalige situaasje fan in befolkingsgroep wurdt net neamd, mar is wol fan belang, ek wetlik. Boppedat soe it lanlik projekt *Masterplan Basisvaardigbeden* net bedriigjend wêze moatte foar it provinsjale projekt *Taalplan Frysk 2030*.

* *Drs. Tom Dykstra (Eksmoarre, 1942) is âld-dosint pedagogyk oan pabû's ('De Him', Snits; 'Stenden', Ljouwert) en fierwei de grutste helte fan syn libben warber yn ûnderskate Fryske Bewegingsfermiddens lykas de Stifting*

Slach by Warns (waarnimmend foarsitter), de Feriening Frysk Underwiis (FFU, foarsitter), de BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis' en it Underwiisfûns foar de Fryske Taal (foarsitter). Yn Nij Frisia (nû. 2, simmer 2020, s. 15-19), en yn trije eardere nûmers hat er ferfolchartikels skreaun oer 'It is mei sizzen net te dwaan' (I-IV); yn 2021 (nû. 3, s. 11-13) oer 'Huzekrapte en it Frysk yn it ûnderwiis'; yn 2022 (nû. 1, s. 12-13) oer 'Hoe't it ferplichte ûnderwiis yn it Frysk in frijbljuwende saak waard ...', mei S.T. Hiemstra (nû. 4, s. 26-30) in 'Besprek fan it Projekt Taalplan Frysk 2023 (I)' en yn 2023 (nû. 2, s. 23-29) it twadde part fan it 'Besprek fan it Projekt Taalplan Frysk 2023 (II)'



FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

FFU: skôging 25 jier Europeesk Hânfêst (28 april 2023)

De ryksoerheid brûkt de net-binende juridyske status fan it Hânfêst as in ferlechje om foar de feitlike ferantwurdlikheid weirinne te kinnen

Nederlân is ien fan de lannen dy't it **Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen** (Ried fan Europa) ûnderskreaun en ratifisearre hawwe. DINGtiid, it taaladvysorgaan fan de Nederlânske oerheid, hat ferline hjerst yn Ljouwert en okkerdeis yn De Haach lêzingen oer de (mooglike) rjochtskrêft fan it Europeesk Hânfêst holden.

De yn it Hânfêst opnommen maatregels binne noch lang net allegearre útfierd, benammen net yn it ûnderwiis, wylst dy essinsjeel binne foar de takomst fan de twadde rykstaal. In ferliking mei de klimaatkrisis leit foar de hân: as der op juridysk mêd allinne hottefile wurdt oer wa't wat dwaan moat oan it opwaarmjen fan de ierde, dan giet dat proses gewoan troch as der fierders neat of amper wat bart. Foar de takomst fan it Frysk leit dat net oars.¹

Yn *De Pompeblêden* fan oktober 1996 skreau Alex Riemersma (stêfmeiwurker fan it doetiidske *Berie foar it Frysk*) oer it nije Europeeske Hânfêst: "In Hânfêst is in

ynternasjonaal ferdrach, dat troch nasjonale wetjouwing yn elts lân apart (d.w.s. yn de lidsteaten dy't it Hânfêst ûndertekene en ratifisearje) krêft fan wet krijget."

It Hânfêst is yn Fryslân posityf ûntfongen. Nei safolle jierren fan taalstriid en efterstelling soe it tenei in wetlik ramt biede foar foarsjennings dêr't in minderheidstaal op syn minst rjocht op hat. It belang fan it Hânfêst leit him yn:

- de ynternasjonale kontrôle,
- de ferliking fan belied fan steatsnasjonale regearen
- en de mooglike oantrún foar it belied op nasjonaal, provinsjaal en gemeentlik nivo.

Ynearsten betsjutte dy ynternasjonale juridyske basis in befêstiging fan it besteande belied fan it Nederlânsk re-

¹ Klik ek op: https://www.itnijs.frl/2023/04/25-jier-europeesk-hanfest/?fbclid=IwAR2T8aKN6whlh_bBa7nDMjDVciyxqtZ-7LfqBTfW8WePdfXIXEI764nchffE dêr't fandatoangeande ek omtinken jûn wurdt oan ús opfettings.

gear. Periodyk beoardielet in kommisje fan eksperts fan de Ried fan Europa yn hoefier't it ferantwurdlike regear him hâldt oan de ûnderskreaune beliedsbepalings. Oant no ta binne der seis rapportaazjes útbrocht, dêr't it Nederlânske regear yn opropen wurdt om better ta te sjen op útfiering en neilibjen fan dy bepalings.²

Gjin lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk

Neist it kodifisearjen fan bestaand belied wie der ek de winsk om it karmenu fan bepalings út te wreidzjen. Liedend wie it berikken fan in posysje fan lykweardichheid en lykberjochting fan it Frysk oan it Hollânsk ('Nederlandse taal'). Sa krige it Hânfêst ek in programma-tysk karakter.

Yn de ôfrûne 25 jier binne amper (wetlike) stappen op **steatsnasjonaal nivo set** om it Frysk yn eigen taalgebiet dy status te jaan. Wol is de kwantiteit en kwaliteit fan it taalgebrûk fierder ûnder druk kommen te stean troch migraasje en de bern (learlingen) yn Fryslân al sa jong mooglik mei it Hollânsk te konfrontearjen sûnder rekken te hâlden mei de taalûntjouwing yn it Frysk. De ûnderwiiswetten WPO en WVO hawwe gjin ferbettering brocht (skoallen krigen de regy yn de útfiering fan it ferplichte ûnderwiis yn it Frysk) en yn de Fryske taalwet fan 2014 is útfiering ôfhinklik makke fan de meiwurking of it ferset fan de oarstaligen yn de provinsje. Fierders hat it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis (WEC) noch hieltiten in fakultative status.

In diskusje oer de juridyske rjochtskrêft fan it Hânfêst foar nij Frysk taalbelied kriget sa stadichoan in te frijbljuwend en abstrakt-teoretysk karakter, omdat foarbyggen wurdt oan de aktuele situaasje. Net allinne de *Ried fan de Fryske Beweging*, mar ek *DINGtiid* hat yn in lêzing op 5 novimber 2022 besocht om de juridyske status fan it Hânfêst te ferhelderjen, en spruts it wer út dat it Hânfêst gjin ramtwet is om de dêryn opnommen maatregels foar it Frysk ôftwinge te kinnen.³

It útstel fan Heinrich Winter by in lêzing fan *DINGtiid* yn De Haach op 13 april 2023 foar in *Lokaal Hânfêst* ropt ek de fraach op wat de rjochtskrêft dêrfan wêze kin. As it lanlike taalbelied foar it Frysk gelyk bliuwt en de regeljouwing foar de earste rykstaal net oanpast wurdt, dan sil ek in fêststeld *Lokaal Hânfêst* de efterstelling en ûnderdrukking fan de Fryske mienskip net trochbrekke, mar earder befêstigje en rjochtfeardigje. Lykweardichheid en lykberjochting fan it Frysk yn eigen taalgebiet soe ommers juridysk wer net mooglik en dus ek net winsklik wêze. It soe deagewoan net kinne.

Negearjen fan fûnemintele minskerjochten troch de sintralistyske Nederlânske oerheid

It negearjen fan fûnemintele minskerjochten (bygelyks yn it ûnderwiis) foar it brûken fan de taal yn eigen taalgebiet kin de sintralistyske Nederlânske 'rjochtssteat' oanrekkene wurde. As in ratifisearre Hânfêst **juridysk** gjin rjochtskrêft hat, dan draacht dy oerheid as demokratyske oerheid **moreel** wól ferantwurdlikheid foar alle ynwenners en nét allinne foar de tafallige taalmearderheid. Om in oar foarbyld te nimmen: de Sineeske oerheid stiet neffens de eigen wetjouwing (mooglik) juridysk sterk om Oeigoeren massaal op te sluten en harren identiteit út te wiskjen, mar it bliuwt hoe dan ek taalmoard en kulturele genoside. Lit de efterstelling fan de Fryske mienskip yn Nederlân dan minder gewelddich wêze, effektyf is dy likegoed.

Sa is it tal fan-hûs-út Frysktaligen fan 71% yn 1969 sakke nei 49% yn 2017 (FA) en as dy trend trochset en ek hieltyd flugger ferrint, dan sil om 2050 hinne de krityske grins fan it trochjaan fan ús libbene taal ûnder de 25% reitsje en dêrmei in normaal gebrûk yn eigen taalgebiet ûnmooglik wurde. De útfiering fan it provinsjale *Taalplan Frysk 2030* is ôfhinklik fan de mei- of tsjinnwurking fan de skoallen en troch de yn de wet opnommen ûndemokratyske *draachflakonstruksje* sil it Taalplan it tij net keare kinne.

In isolearre diskusje oer de rjochtskrêft fan it Hânfêst driget it sicht op de **morele** en dus ek **politike** ferantwurdlikheid fan de Nederlânske oerheid foar **alle** boargers te ferliezen. De resinte BBB-ferkiezingsútslach is dêr likegoed in reaksje op.

De yn it Hânfêst opnommen maatregels binne noch lang net allegearre útfierd, benammen net yn it ûnderwiis, wylst dy essinsjeel binne foar de takomst fan de twadde rykstaal. In ferliking mei de klimaatkrisis leit foar de hân: as der op juridysk mêd allinne hottefile wurdt oer wa't wat dwaan moat oan de opwaarming fan

² It ekspertizerapport fan novimber 2019 jout in tal oanbefellings oer it ferheegjen fan it tal lesieren fan en yn it Frysk yn it primêr ûnderwiis en it tal skoallen foar fuortset ûnderwiis mei Frysk yn it skoaloanbod. Boppedat noch oanbefellings foar oplieding fan learkrêften Frysk, ûnderwiis yn de Fryske skiednis en kultuer, de ûnderwiisynspeksje moat him better op it Frysk rjochtsje, it Frysk moat fersterke wurde yn sûnens- en âldereinsoarch en it brûken fan it Frysk by rjochtssaken.

³ Sjoch foar de folsleine lêzingen fan de *DINGtiid*-gearkomste yn De Haach en wat oare media dêroer skreaune op de **webside fan it taaladvysorgaan**.

de ierde, dan giet dat proses gewoan troch as der fierders neat of amper wat bart. Foar de takomst fan it Frysk leit dat net oars.

Op 13 april 2023 hie benammen de **morele ferantwurdlikheid fan in demokratysk keazen oerheid** sintraal stean moatten. Underfining mei it Europeesk Hânfêst hat yn de ôfrûne 25 jier leard dat de ryksoer-

heid de net-binende juridyske status fan dat dokumint as in ferlechje brûkt om foar de feitlike ferantwurdlikheid weirinne te kinnen.

drs. Th. Dykstra, Ed Knotter, drs. S.T. Hiemstra (Feriening Frysk Underwiis)

Itens/Beetstersweach/Drachten, 28 april 2023

Neam it Frysk gjin minderheidstaal¹

Piter Dykstra

Yn de *fryslân*-bylage fan de LC fan 9 juny 2023 die Pieter Zijlstra yn syn kolum Gysbert ferslach fan syn besite oan de jierlikse Opstalsbeam-betinking op de tredde Pinksterdei yn East-Fryslân (Dsl.).

Dêr hie er praten mei in Onno, dy't op syn Ôstfräisk Oen Dirk Feldman (Dútsk: Onno Dirk Feldmann) hjit. Hy fernuvere him deroer dat Friezen út East- en Westerlauwersk Fryslân inoar ferstean kinne. Oen wie ien fan de swijende demonstranten, dy't in A-fjouwerke omheech holden hie mei de tekst: "Praat mar Frysk! Pröt man Ôsfräisk! Bale Seeltersk! Snääk Frasch!" En mei rjocht: as men op in ynter-Fryske gearkomste net in Fryske taal praat, mar no krekt al in taal dy't trije fan dy talen bedriget, dan docht sa'n gearkomste dêrmei ûnderstek oan it doel: fersterking fan de bân tusken de Friezen. Zijlstra hat folslein gelyk; neat bynt ús mear as ús taal!

Foar wa't de oare Friezen minder goed ferstean kin, binne der technyske oplossings. Set de oersetting fan de taspraken op de webside fan de organisaasje; in linkje by de yngong skenne en op jo eigen snoadfoan de oersetting yn de eigen taal meilêze.

Ús kommissaris fan de Kening, Arno Brok, spriek by de betinking oer gearwurking mei oare regio's mei 'minderheidstalen'. Dat lêste wurd docht de saak ek gjin goed. It wurd 'minderheidstaal' is nammmentlik al in diskriminearjende term. 'Minder' stiet tsjinoer 'mear' en 'better'. En 'mear' en 'better' is de noarm. Ferlykje ris dizze beide sinnen: "De *mearderheid* hat besletten dat ..." en "De *minderheid* hat besletten dat ...". Wat tinke jo yn beide gefallen oer de kâns fan slagjen fan dat:

"dat ..."? Krekt, in 'minderheid' en dus ek in 'minderheidstaal' stiet oan it begjin al mei 5-0 efter. De term 'minderheidstaal' wurdt ek brûkt as de sprekkers fan dy taal numeryk noch yn de mearderheid binne, lykas mei it Frysk. Sok leechlizzen bart gauris mei opsetsin!

De op 8 jannewaris fan dit jier ferstoarne Bertus Jans Postma hie dat jierren lyn al yn 'e gaten en spriek altyd fan 'ûnderlizzende' en 'boppelizzende taal' as er it oer it Frysk en it Hollânsk hie. Dêrmei wurdt de kern fan it probleem beneamd. Mar der binne mear alternativen. Sa makket in wat mear ferhoalen term as 'oarspronklike taal', dat besibbe is oan it Ingelske 'indigenous language', mooglik wat mear kâns by politysy. Der moat ek wurk makke wurde om dy diskriminearjende termen út ferdraggen lykas it Europeeske ferdrach 'The European Charter for Regional or Minority Languages' wei te heljen, want sa meitsje sokke ferdraggen harsels yrrelevant.

Wa't in priuwke fan it Ôsfräisk hawwe wol, kin in Ôsfräiske oersetting fan in Noard-Frysk ferhaal fan Johannes Petersen troch Oen Feldman yn it hjerstnûmer fan *Nij Frisia* út 2022 lêze. De Fryske oersetting stiet dernjonken en is oan te klikken op <http://ffu-fri.eu> (sjoch by 'publikaasjes' 2022).

Piter Dykstra

Mitselwier, 9 juny 2023

¹ Dit artikel is ek ferskynd yn de rubryk *Te Gast* yn de LC fan 13 juny 2023.

Poatleadsutelder

Al sitte we sa'n fyftich kilometer streamop fan 'e riviermûning ôf, wy hawwe hjir noch altyd de ynfloed fan eb en tij ... mei in fertraging fan goed trije oere. Dy trankyl pulsearjende¹ beweging sit de lju hjir ek wat yn it bloed – de wrâld leit harren wol sljocht. Dat hat neffens my ek wat mei it moarske komôf te meitsjen. Wy hawwe yn it Westen noch de yllúzje dat wy ús lot yn eigen hân hawwe ... as we der mar boppe-op sitte. De profeet Mohammed wie lykwols fan betinken: *it hat neat gjin sin en rin jins lot nei, want jins lot rint jin wol nei*. Dy yn westerske eagen wat fatalistyske libbenshâlding fynt men teffens werom yn de hertsearige Portugeeske muzykfoarm *fado* (= lot).



Oant hjoed-de-dei is bargefleis foar in sus en in leur te keap yn Portugal (foto: pixabay.com).

En de boer dy ploege wol troch

Mar ho ris, hear ik jim al roppen, *binne de Moaren net withoelang lyn al fan it Ibearysk Skiereilân ferdreaun?* Jawis! Mar hoe giet soks yn syn wurken? Men kin fan tinken wol hawwe dat sok ferdriuwen him beheinde ta wat eallju en pommeranten yn de kulturele sintra, dy't hastich werom nei Afrika útfilen, foar't der op harren lúkse jacht beslach lein waard. It plattelân lykwols, dêr feroare net safolle foar. Dat hie neffens my foar de stedslju ek skraabjen by de kant om wurden as de boer-en-dy de seine derby delsmitten hiene en op harren pream fan wâl stutsen wiene. Nee, de boer ... dy ploege wol troch. Dy hie foar 't neist net iens erch yn de machtswikseling. Dat hoe soed er witte moatte dat de nije bewâldsju it smoar op de moar yn hiene? *Allabû akbar!*

Mar ja, ferdraachsumens is meast net it sterkste punt fan religys. Dat doe't de ynkwisysje de foarsje² waard, krige de boer rillegau foar de fernullen³ dat in baarch yn 't hok en wat spek op 'e deizen⁴ wûndertsjûgen fan it wiere leauwe wiene. Dêrfandinne, tink, dat oant hjoed-de-dei bargefleis foar in sus en in leur⁵ te keap is. Of fleis fan de evert⁶ (*javali*), want der ûntkaam en ûntkomt jin wolris ien, no? En dat is wer spek foar de bek fan de jager; se binne hjir slij nei wylds jitterij.

Ik wit noch dat ik as lyts jonkje mei ús heit 'de boer op' gie. In hússlachting waard meld oan 'e fleiskeuringstsjinst en ús heit moast der dan hinne om te sjen oft alles hâns foar foets wie⁷. Wy seagen fan fierren de baarch al mei de jas iepen nonsjalant tsjin de gevel fan de pleats hingjen, as in foech poatleadsutelder dy't ús wolkom hjitte. Dy oerheidsbemooiing wie de boeren net earlik wolkom, mar se hellen noch wol de stroom fan it karkas ôf foar't ús heit mei it mês útskeat.

¹ Trankyl [ek: krankyl] pulsearjend: *mei in kalm, regelmjittich wikseljend ritme.*

² Foarsje: *driuwende krêft, geastlik fjoer, besieling.*

³ Foar de fernullen krije: *begripe,*

⁴ Deizen: *speklatten; balkjes, stangen of stokken oan in souder of yn in skoarstien om spek te rikjen of om woarst drûch te bewarjen.*


⁵ Foar in sus en in leur: *foar net folle jild.*

⁶ Evert: *wylde baarch.*

⁷ Hâns foar foets wêze: *neffens de regels gean/wêze.*

Oerheidsbemuoiïng hawwe se hjirre noch nea fan heard. Men hoecht yn 'e slachtmoanne allinne mar op it gûlen ôf te gean en men fynt in bear op 'e dyk. It mês wurdt hantearre fan ien dy't wit hoe't de sturt oan 'e baarch sit. De eigen-en-dy diele wilens sûpkjes út oan passanten.

De oerheid? Dy sil harren woarst wêze ...



Tsien Geboaden yn 'e Alentejo.



Spek op 'e deizen (foto: Jaap Slager).

De Tsien Geboaden yn 'e Alentejo⁸

1. Libje om út te rêsten
2. Hâld dyn bêd yn eare, it is dyn timpel
3. Ast ien sjuchst dy't útrêst, help him dan
4. Rêst oerdeis út, mei'tst nachts sliepe kinst
5. Wurk is hillich, dat ... net oankomme
6. Doch hjoed net watst moarn ek dwaan kinst
7. Wurkje sa min as it mar wat kin, want wat dien wurde moat, wurdt fan in oar wol dien
8. Trankyl, der is noch nea ien dea rekke troch út te rêsten, mar kinst dy wol sear dwaan troch te wurkjen
9. Ast ferlet fielt om wat te dwaan, gean dan efkes sitten oant it wer oergiet
10. En ferjit foaral net: wurkjen jout sûnens; dat ... lit it oer oan immen dy't siik is

* Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, bebarsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollum is skreaun op 3 juny 2023 en hat doe, in bytsje feroare, ek in plakje krige op It Nijs.⁹ Sytze T. Hiemstra hat jitte inkelde taljochtsjende noaten tabeakke.

⁸ De Portugeeske krite *Alentejo* begjint eastlik fan de stêd Lissabon en bestrykt in gebiet by de kust lâns oant it binnenlân boppe de Algarve. De namme 'além do Tejo' betsjut letterlik 'oer de Taach'. It is ien fan de fiif regio's yn Portugal, mar gjin bestjoerlike ienheid. De *Taach* is in rivier dy't yn it Portugeesk *Tejo* hjit en yn it Spaansk *Tajo* en dy't net fier fan Lissabon ôf yn de Atlantyske Oseaan útstreamt.

⁹ Klik op: <https://www.itnijs.frl/2023/06/jan-slager-poaatleadsuteler/>

(1)



(2)



(3)



(4)



Byskriften:

1. It Ihlower alter fan de Lambertitsjerke yn Aurich (foto: Gerda Wester-Koomen; sj. s. 19).
2. Kaartsje fan East-Fryslân en omkriten (sj. s. 22).
3. Krante út de Napoleontyske tiid yn it Historisches Museum Aurich (foto: Gerda Wester-Koomen; sj. s. 18).
4. Obers yn Ammerländer klaaiïng (foto: Gerda Wester-Koomen; sj. s. 21).
5. De merke op de Gallimarkt yn Leer (foto: Google ôfbyldings; sj. s. 20).

(5)

